

Bahá'u'lláh

In ferklearring fan de
Bahá'í International Community



Nasjonaal Komitee Fryslân
fan de Nasjonale Geastlike Ried
fan de Bahá'ís fan Nederlân

Oarspronklike titel: Bahá'u'lláh.

Gearstald troch de Bahá'í International Community,

Office of Public Information, New York, 1991.

Fryske útjefte ûnder tafersjoch fan it Nasjonaal Komitee Fryslân

fan de Nasjonale Geastlike Ried fan de Bahá'ís fan Nederlân.

© 1994 Nasjonale Geastlike Ried fan de Bahá'ís fan Nederlân

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde en/of iepenbier makke troch
printsjen, fotokopy, mikrofilm of op hokker wize ek, sûnder skriftlik goedfinen yn
't foar fan de útjouwer.

Op 29 maaie 1992 wie de hûndertjierrige betinking fan it ferstjerren fan Bahá'u'lláh. Dat hat wrâldwiid omtinken krigen, ek yn Fryslân en mei grutte gearkomsten yn Haifa en New York. De fisy fan Bahá'u'lláh dat it minskdom ien folk en de ierde ien mienskiplik heitelân is, is in fisy dêr't it minskdom tsjinwur-dich har hope op festige hat, alhoewol't hja troch de wrâldlieders oan wa't dy mear as hûndert jier ferlyn foar it earst ferkundige waard fuort oan 'e kant skood waard. Oan it ynstoarten fan de seedlike en maatskiplike oarder, dy't yn dyselde ferklear-ring mei ûntsachlike dúdlikens foarsjoen waard, is krekt allyk net te ûntkommen.

Ta gelegenheid fan dy betinking is dizze koarte yntroduksje op it libben en wurk fan Bahá'u'lláh publisearre. Hja waard gearstald op fersyk fan it Universele Hûs fan Gerjochtichheid, de beheader fan de wrâldomfiemjende ûndernimming, dy't troch de foarfallen fan hûndert jier ferlyn op gong brocht waard. De yntroduksje jout in byld fan it fertrouwen dêr't de Bahá'is oer de hiele wrâld de takomst fan ús planeet en it minskdom mei besjogje.

Ynhâld

Bahá'u'lláh	1
It Untstean fan in Nije Iepenbiering	3
Ferbanning	7
De Ferkundiging yn de Tún fan Ridván	12
It Unferoarlike Leauwe fan God	15
De Manifestaasje fan God	20
In Jimmeroan-Fierdergeande Beskaving	23
De Dei fan God	26
De Bekendmakking oan de Keningen	30
De Oankomst yn it Hillige Lân	34
Godstsjinst as Ljocht en Tsjusterens	38
Wrâldfrede	41
"Net út Myn Eigen Wil"	43
It Ferbûn fan God mei it Minskdom	45
Noaten	48
Literatueropjefte	53
Noat by de Fryske Oersetting	55

Bahá'u'lláh

No't it nije millennium op kommendewei is hat it minskdom driuwend ferlet fan in fisy op 'e aard fan de minske en de mienskip, dy't ta gruttere ienheid laat. It antwurd op dit ferlet hat de ôfrúne hûndert jier laat ta in lange rige fan ideologyske ierdferskowingen dy't de wrâld slim yn ûnstjoer brocht hawwe en dy't no útraasd lykje te wêzen. Nettsjinsteande de ûntmoedigjende resultaten tsjûget it fjoer dêr't de striid mei fierd is derfan hoe djip it ferlet is. Sûnder in minskiplike oertsjûging oer de rin en de rjochting fan de skiednis fan it minskdom, is it ommers ûntinkber dat der fûneminten lein wurde kinne foar in wrâldomfiemjende maatskippy dêr't it grutste part fan de minsken him foar ynsette kin.

Sa'n fisy wurdt út'e doeken dien yn de geskriften fan Bahá'u'lláh, de profeet út'e njoggentjinde ieu, waans tanimmende ynfloed de meast opmerklike ûntjouwing is yn de hjoeddeiske religieuze skiednis. Bahá'u'lláh¹ - op 12 novimber 1817 yn Perzië berne - begûn mei 27 jier oan in ûndernimming dêr't stadichoan miljoenen minsken troch boeid waarden en dêr't se har oan oerjûn hawwe, minsken fan omtrint alle rassen en kultueren, klassen en naasjes op ierde. Dat ferskynsel is net te bepalen út ús hjoeddeiske wrâldbyld wei: it is relatearre oan wichtige brekpunten yn it kollektive ferline fan de minslike soart. Bahá'u'lláh makke der nammentlik oanspraak op net minder te wêzen as de Boadskipper fan God foar it tiidrek fan "de folwoeksenheid fan it minskdom", de Drager fan in godlike Iepenbiering dy't de ferfolling is fan de beloften út eardere religy's en dy't it geastlike senuwstelsel foarmje sil foar it ien wurden fan de folken fan'e wrâld.

De útwurking dy't libben en wurk fan Bahá'u'lláh no al hân hawwe, soe yn elts gefal serieuus omtinken krije moatte fan in elk dy't leaut, dat de minske yn essinsje in geastlik wêzen is en dat de takomstige organisaasje fan ús planeet besiele wurde moat troch dat aspekt fan de werklikheid. Elts kin it bewiismateriaal ûndersykje. Foar it earst yn de skiednis hat it minskdom in detaillearre en ferifiearber ferslach ta syn foldwaan oer it ûntstean fan in ûnôfhinklik religieus systeem en oer it libben fan de stifter dêr fan. Like tagonklik is it ferslach fan de wjerklank dy't it nije leauwe fûn hat troch de opkomst fan in mienskip oer hiel de

BAHÁ'ULLÁH

wrâld dy't der mei rjocht oanspraak op meitsje kin in representative fertsjinwurdiging fan it minskdom te wêzen.²

Yn de earste desennia fan dizze ieu bleau dy ûntjouwing frij ûnbekend. De geskriften fan Bahá'u'lláh ferbiede de agressive bekearingsiver dêr't in soad religieuze boadskippen wiid ferspraat troch waarden. Boppedat joech de Bahá'í mienskip der prioriteit oan oer de hiele planeet groepen op pleatslik nivo te stiftsjen. Dat ferhinderde dat yn in ier stadium yn ien of oar lân grutte konsintraasjes oanhingers ûntstean koenen of dat de middels bijienbrocht wurde koenen dy't nedich binne foar grutskalige publisiteitsprogramma's. Arnold Toynbee, yntrigearre troch ferskynsels dy't de opkomst fan in nije wrâldreligie besjutte kinne soenen, murk yn de fyftiger jierren op dat it Bahá'í Leauwe doe by de gemiddeld ûntwikkele westerling omtrint like bekend wie as it Kristendom yn'e twadde ieu fan ús jiertelling by de oerienkomstige groep yn it Romeinske Ryk.³

No't it oantal leden fan de Bahá'í mienskip de lêste jierren yn in soad lannen hurd oanwûn is, is de situaasje dramatysk feroare. Der is no suver gjin streek op 'e wrâld dêr't it libbenspatroan dat troch Bahá'u'lláh ûnderrjochte waard him net set hat. It respekt dat der yn'e rûnten fan regearingen, de akademyske wrâld en de Feriene Naasjes ûntstiet foar de sosjale en ekonomyske ûntwikkelingsprojekten fan de mienskip, is noch in argument foar in objektyf en serieuus ûndersyk nei de driuwfear fan in op essinsjele punten unyk maatskiplik transformaasjeproses.

Der bestiet gjin twifel oer de aard fan dy driuwfear. De geskriften fan Bahá'u'lláh omfetsje in soad ûnderwerpen: fan maatskiplike fraachstikken, lykas rasse-yntegraasje, de lykweardigens fan de seksen en ûntwapening, oant saken dy't it djipste ynderlik fan de minsklike siele oangeane. De oarspronklike teksten - in soad yn Syn eigen hânskrift, oaren diktearre en troch har auteur befêstige - binne tige krekt bewarre. Troch in systematyske oanpak fan oersetting en publikaasje is in kar út de geskriften fan Bahá'u'lláh al tsientallen fan jierren yn mear as achthûndert talen foar minsken oeral op 'e wrâld tagonklik.

It Untstean fan in Nije Iepenbiering

De Iepenbiering fan Bahá'u'lláh sette útein yn augustus 1852 yn in ûnderierdske tsjerker yn Teheran. Berne út aadlike famylje, dêr't de ôfkomst fan nei te gean wie oant de grutte dynastyen fan it keizerlike ferline fan Perzië, sloech Hy de karriêre as minister, dy't foar Him iepen lei, ôf en keas der foar om Syn krêften te wijen oan woldiedige wurken. Dat makke Him om 1840 hinne wiidferneamd as "Heit fan 'e Earmen". Nei 1844 waard dat befoarrjochte bestean hurd minder, doe't Bahá'u'lláh ien fan de wichtichste foarstanders waard fan in beweging dy't de rin fan 'e skiednis fan Syn lân feroarje soe.

It begjin fan de njoggentjinde ieu wie yn in soad lannen in tiid fan messiaanske ferwachtings. Tige ûngerêst makke troch de gefolgen fan wittenskiplik ûndersyk en yndustrialisaasje kearden oprjochte leauwigen fan ûnderskate religieuze eftergrûnen har ta de geskriften fan har leauwe om ynsjoch te krijen yn de aloan mar hurder geande feroaringen. Yn Europa en Amearika leauden groepen lykas de Tempeliers en de neifolgers fan Miller, dat hja yn kristlike geskriften bewizen fûn hienen dy't har oertsjûging staven dat de skiednis oan 'e ein kommen wie en dat de werkomst fan Jezus Kristus op hannen wie. Suver krekt allyk ûntstie der yn it Midden-Easten in beweging troch de oertsjûging dat de ferfolling fan underskate profesijen út de Koran en de Islamityske oerleveringen nei oan wie.

Fierwei de meast dramatyske fan de bewegings dy't it tûzenjierrige ryk ferwachten wie dy yn Perzië, konsintrearre om de persoan en de learingen fan de Báb⁴ hinne, in jonge keapman út de stêd Shiraz. Njoggen jier lang, fan 1844 oant 1853 wienen Perzen fan alle rangen en stannen behelle yn in stoarm fan hope en opwinning dy't ûntsien wie troch de Bábs oankundiging dat de Dei fan God op hannen wie en dat Hysels dyjinge wie dy't foarsein wie yn de Islamityske skrift. Hy sei dat it minskdom op 'e drompel stie fan in tiidrek dêr't de werstrukturearring fan alle aspekten fan it libben yn foarfalle soenen. Nije kennisgebieten, dy't men jin no noch net foarstelle koe, soene it sels de bern fan it nije tiidrek mooglik meitsje de meast erudite gelearden fan de njoggentjinde ieu foarby te stribjen. De minske waard troch God oproppen dy feroaringen oan te nimmen troch in transformasje fan syn seedlik en geastlik libben oan te gean. Syn eigen opdracht

wie om it minskdom ta te rieden op it barren dat de kern fan de ûntjouwingen foarme: it kommen fan dy universele Boadskipper fan God, fan "Him Dy't God iepenbierje soe", dy't ferwachte waard troch de folgelingen fan alle godstsjinsten.⁵

Dy oanspraak rôp fûle fyannichheid op by de Moslim geastlikheid, dy't ferkundige, dat it proses fan godlike iepenbiering einige wie mei Mohammed en dat alle bewearingen dy't dêrmei yn striid wiene ôffallichheid betsjutten, dêr't de deastraf op stie. Har iepenlike feroardieling fan de Báb krige al gau de stipe fan de Perzyske autoriteiten. Tûzenen folgelingen fan it nije leauwe kamen om yn in rige walchlike moardpartijen troch it hiele lân; de Báb sels, waard op 9 july 1850 yn it iepenbier eksekutearre.⁶ Yn in tiid fan oanwinnende westerske belutsenheid by it Easten makken dy dingen belangstelling en begnutsjen wekker yn Europeeske rûnten dy't ynfloed hienen. De ferhevenens fan it libben en de learingen fan de Báb, de heldemoed fan Syn folgelingen en de hope op de fundamintele herfoarmings, dy't se yn in tsjuster lân wekker makke hienen, oefenen in sterke oanlûkingskrêft út op bekende figuren, fan Ernest Renan en Leo Tolstoi oant Sarah Bernhardt en de graaf De Gobineau.⁷

Om't Bahá'u'lláh foaroan stie by de ferdigening fan de saak fan de Báb waard hy finzen nommen en - yn'e boeien en te foet - nei Teheran brocht. Min of te mear beskerme troch in persoanlike reputaasje dy't yndruk makke, troch de maatskiplike posysje fan Syn famylje en ek troch de protesten dy't de ferfolgingen fan de Bábís (folgelingen fan de Báb) by de westerske ambassades oproppen hienen, waard Hy net ta de dea feroardiele, hoewol't figueren mei in soad ynfloed oan it keninklike hôf dêrop oanstien hienen. Yn pleats dêrfan waard Hy yn de beruchte Sýyáh-Chál, de "Swarte Put" smiten, in djippe tsjerker fol ûnrant dy't oanlein wie yn ien fan de wetterreservoirs fan'e stêd, dy't net mear brûkt waarden. Hy waard nearne fan beskuldige, mar Hy en likernôch tritich maten waarden sûnder dat se yn berop gean mochten, opsletten yn dy tsjustere en smoarge put, midden tusken ferhurde misdiedigers, fan wa't in soad de deastraf krige hienen. Bahá'u'lláh krige in swier keatting om'e hals dat yn finzenisrûnten sa berucht wie dat it in eigen namme hie. Doe't Hy net gau stoar, lykas se ferwachte hienen, waard besocht him te fergiftigjen. De groeden fan it keatting soenen Syn fierdere libben sichtber bliuwe.

Sintraal yn de geskriften fan Bahá'u'lláh stiet in útlis oer de grutte tema's dy't religieuze tinkers troch de iuwen hinne dwaande hâlden hawwe: God, de rol fan de iepenbiering yn'e skiednis, it ûnderlinge ferbân tusken de religieuze systemen fan de wrâld, de betsjutting fan it leauwe en de basis foar moreel gesach yn de

struktuer fan de minslike maatskippij. Yn dy teksten giet Hy djip yn op Syn eigen geastlike ûnderfiningen, op Syn reaksje op de godlike oprop en op de dialooch mei de "Geast fan God, dy't de grûnslach foarmet fan Syn Iepenbiering. Yn de skiednis fan de godstsjinst is oan de siker nea earder de gelegenheid bean ta sa'n iepenheartige moeting mei it fenomeen fan godlike Iepenbiering.

Yn de geskriften dy't Bahá'u'lláh yn't lêst fan Syn libben skrea, wurdt gewach makke fan Syn iere ûnderfiningen. Der stiet ek in koarte beskriuwing yn oer de omstannichheden yn de Síyáh-Chál:

"Fjouwer moannen lang waarden wy opsletten op in plak, net te beskriuwen sa smoarch. Yn'e tsjerker wie it roetstjuster en de likernôch hûndertfyftich man dy't mei Us finzen sieten wienen dieven, moardners en strúkrôvers. Nettsjinsteande dy oerbelêsting hie Us tsjerker gjin oare iepening as de gong dêr't Wy troch nei binnen kamen. Gjinn pinne of tonge kin dit plak fan grouwelige stank beskriuwe. De measten fan har hienen gjin klean en gjin matte om op te lizzen. God allinne wit wat Wy op dat tryste en stjonkende plak trochstean moasten"⁸

Alle dagen kamen de oppassers de trije steile treppens del nei de put ta, griepen ien of mear finzenen en sleepten har nei bûten foar har eksekúsje. Yn'e strjitten fan Teheran wienen westerske taskôgers fol ûntsetting oer de toanielen dy't har ôfspielen as Bábí slachtoffers fuortsketten waarden út'e loop fan in kanon, deahakke waarden mei bilen en swurden, en nei har ein laat waarden, mei brânende kearsen yn har iepen wûnen.⁹ It wie ûnder dy omstannichheden en mei it foarútsjoch dat Hy sels meikoarten stjerre soe, dat Bahá'u'lláh it earste teken fan Syn opdracht krige:

"Op in nacht wjerklonken yn in dream dizze ferheven wurden fan alle kanten: "Wiswier, wy sille Jo oerwinne litte troch Josels en troch Jo Pinne. Treurje net om itjinge dat Jo oerkommen is en eangje net want Jo binne yn feilichheid. Mei koarten sil God de skatten fan dizze ierde te foarskyn roppe: minsken dy't Jo helpe sille troch Jo sels en troch Jo Namme, dêr't God mei ta libben roppen hat de herten fan har, dy't Him erkend hawwe."¹⁰

De ûnderfining fan godlike Iepenbiering, dy't alline út'e twadde hân neamd wurdt yn de ferslaggen, dy't bewarre bleaun binne, fan de libbens fan Boeddha, Mozes,

IT UNTSTEAN FAN IN NIJE IEPENBIERING

Jezus Kristus en Mohammed, wurdt treflik beskreaun yn Bahá'u'lláhs eigen wurden:

"Yn de dagen dat Ik yn de finzenis fan Teheran lei, fielde Ik, hoewol't Ik troech it twingende gewicht fan de keatings en de lucht dy't fan stank ferjûn wie mar in bytsje sliep krige, dochs yn dy seldsume mominten fan slommer as rûn My fan'e krún fan'e holle ôf wat oer't boarst, lykas in machtige stream dy't him fan in lege berchtop ôf op'e ierde stoart. It wie as waarden alle lidden fan Myn lichem dêr troch yn fjoer en flam set. Op sokke mominten spriek Myn tonge dingen dy't gjin minske oan'e earen fernearre koe"¹¹

Ferbanning

By einsluten, noch hieltyd sûnder rjochtlik ûndersyk of ferdigening, waard Bahá'u'lláh út'e finzenis frijlitten en fuortdaalks út Syn bertelân ferband, wylst op Syn rykdom en besit eigenmachtich beslach lein waard. De Russyske diplomatike fertjinwurdiger, dy't Him persoanlik koe en dy't him wat langer wat ûngerêster makke oer de ferfolging fan de Bábís, bea Him beskerming en asyl oan yn lannen dy't ûnder tafersjoch fan syn regearing stienen. Yn it hearskjende politike klimaat soenen oaren it oannimmen fan sokke help wol hast wis ferkeard útlizze as eat dat politike bybedoelings hie.¹² Faaks keas Bahá'u'lláh der dêrom foar om ferbanning nei is neistlizzende gebiet fan Irak, dat doe ûnder hearskippy fan it Ottomaanske Ryk stie, oan te nimmen, Dy útwizing wie it begjin fan fjirtich jier ferbanning, finzenskip en bittere ferfolgings.

Yn'e jierren fuort nei Syn ôfreis út Perzië joech Bahá'u'lláh foarrang oan in ferlet fan de Bábí mienskip dy't yn Baghdad ûntstien wie, in taak dy't Him tafoel om't Hy feitlik de iennichste Bábí lieder wie dy't de moardpartijen oerlibbe hie. Troch de dea fan de Báb en suver tagelyk in ferlies fan de measten fan de leararen en liedslju fan it jonge leauwe, wie it grutste part fan'e leauwigen ferspraat en demoralisearre efterbleaun. Doe't troch Syn krewearjen om de flechtlingen yn Irak wer byinoar te bringen, oergeunst en twaspjalt ûntstienen,¹³ folge Hy it paad dat alle Boadskippers fan God foar Him gien wienen. Hy naam it beslút om Him werom te lúken yn de wyldernis fan de bergen fan Koerdistan. Doe't Hy Him weromluts, hie Hy nei't Hy letter sei, "gjin weromkommen yn't sin". De reden derfan "wie om foar te kommen in foarwurp fan ûnienichheid ûnder de leauwigen te wurden, in boarne fan ûnrêst ûnder Us maten". Hoewol't dy twa jier yn Koerdistan in tiid wie fan slim brekme en lichaamlik lijen, beskriuwt Bahá'u'lláh se as in hiel gelokkige tiid en dat Hy doe djip neitocht hat oer de opdracht dy't Him tabetroud wie: "Allinne, wienen Wy ferbûn mei Us geast en fergeaten de wrâld en alles wat dêryn is".¹⁴

Allinnich mei grutte tsjinsin, yn de oertsjûging dat it Syn ferantwurdlikheid wie oangeande de Saak fan de Báb, joech Hy op't lêst ta oan de driuwende fersiken fan it oerbleaune keppeltsje wanhopige bannelingen yn Baghdad, dy't Syn skûlplak

FERBANNING

ûntdutsen hie en Him smeke werom te kommen en it liederskip fan har mienskip op Him te nimmen.

Twa fan de wichtichste wurken fan Bahá'u'lláhs geskriften datearje út dy earste perioade fan ferbanning, dy't foarôfgiet oan de ferkundiging gan Syn sinding yn 1863. It earste is in boekje dat Hy de titel "De Ferburgen Wurden" joech. Dat boekje, dat skreaun is yn de foarm fan in samling seedlike aforismen, jout de etyske kearn fan Bahá'u'lláhs boadskip wer. Yn strofen dy't Bahá'u'lláh beskriuwt as de essinsje fan de geaslike lieding fan alle Iepenbieringen út it ferline, sprekt de stim fan God rjochtstreeks ta de minsklike siele:

"O Soan fan Geast!

It meast dierbere yn Myn eagen is rjochtfeardichheid. Kear dy net fan har ôf asto My begearst en lit har net fersleaukje sadat Ik dy Myn betrouwen jaan kin. Mei har help silsto mei dyn eigen eagen sjen en net troch de eagen fan oaren, út eigen kennisse witte en net troch de kennisse fan dyn neiste. Lit it yn dyn hert omgear hoe't it dy foeget om te wêzen. Wiswier, rjochtfeardichheid is Myn jefte oan dy en it teken fan Myn goedgunstichheid. Hâld dy dit foar eagen."

"O Soan fan it Bestean!

Haw my leaf, sadat Ik dy leafhawwe kin. Asto My net leaf hast, kin Myn leafde dy op gjin inkele wize berikke. Wit dat, o tsjinner."

"O Minskesoan!

Treurje net, of it moast wêze datsto fier fan Us ôf bist. Wês net bliid, of it moast wêze datsto tichterby Us komst en nei Us weromkearst."

"O Soan fan it Bestean!

Mei de hannen fan macht skoep Ik dy en mei de fingers fan krêft foarme ik dy. Yn dy lei Ik it wêzen fan myn ljocht. Wês der tefreden mei en sykje neat oars, want Myn wurk is folmakke en Myn gebod binend. Betwifelje dat net."¹⁵

It twadde fan de beide wichtige wurken dy't Bahá'u'lláh yn dy perioade skreaun hat is "Het Boek van Zekerheid", in wiidweidige útlis oer de aard en it doel fan religy. Yn passazjes dy't net allinne ûntliend binne oan de Koran, mar mei likefolle gemak en ynsjoch oan it Alde en Nije Testamint, wurde de Boadskippers

fan God beskreaun as bemiddelers yn ien ûnûnderbrutsen proses: it bewust wurden fan de minske fan syn geastlike en morele mooglikheden. In minskdom dat folwoeksen wurden is hat de taal fan gelikenissen en allegoryen net mear nedich, religy is net in saak fan blyn leauwen, mar fan bewuste kennisse. Ek is de lieding fan in elite fan berops geastliken net mear nedich: de jefte fan de rede jout elk yndividu yn dit nije tiidrek fan ferljochting en opfieding it fermogen te harkjen nei godlike lieding. De learstien is oprjochters:

"Nimmen sil de iggen fan de Oseaan fan wier begryp berikke, of it moast wêze dat er los is fan alles yn'e himel en op ierde..."

De inerlike betsjutting fan dy wurden is dizze: hja dy't it paad fan it leauwe opgean, hja dy't toarstgje nei de wyn fan de wissigens, moatte har siverje fan al it ierdske: har earen fan idel praat, har geast fan nutteleaze ferbykdingen, har hert fan wrâldske begarten, har eagen fan dat wat fergiet. Hja moatte har betrouwen stelle yn God en fêsthâldend oan Him, Syn wei folgje. Dan sille hja de strieljende gloarje fan de sinne fan godlike kennisse en begryp wurdich wêze... om't de minske nea ferwachtsje kin de kennisse fan de Algloarjerike te krijen,... of it moast wêze dat er safier kaam dat er de wurden en deden fan stjerlike minsken net mear beskôget as mjitstêf foar wier begryp en erkenning fan God en Syn Profeten.

Gean it ferline mar nei. Hoefolle, beech en leech, hawwe altyd al fol langstme útsjoen nei de komst fan de Manifestaasjes fan God yn de hillige persoanen fan Syn Utferkarden... En hieltyd wannear't de poarten fan genede iepengyngen, de wolken fan godlike barmhertigens op it minskdom delreinden en it ljocht fan de Netsjoene boppe de hoarizon fan himelske macht skynde, fersaken sy Him allegear en kearden har ôf fan Syn antlit, it antlit fan God Sels."

"Allinne as de lampe fan it sykjen, fan ynmoedich stribjen, fan hunkerjend langstme, fan hertstochtljike tawijing, fan barmende leafde, fan ekstase en útskroevenens ûntstutsen is yn it hert fan de siker en de koelte fan Syn leafdefollens syn siele beroerd hat, sil it tsjuster fan dwaling ferdream wurde, sille de dizzen fan twifel en echtinken oplûke en sil it ljocht fan kennisse en wissigens syn wêzen beklaaie... Dan sille de mannichfâldige geunsten en de útstoarting fan genede fan de hillige en ivige Geast sa'n mij libben oan de siker jaan, dat er himsels bejeftege sjen sil mei in mij each in mij ear, in mij hert en in mij ferstân.

FERBANNING

Sjende mei it each fan God sil er yn elk atoom in doar ûntdekke dy't him nei de plakken fan folsleine wissigens liedt. Hy sil yn alle dingen... de bewizen fan in ivichduorjende Manifestaasje ûntdekke... As de minsklike siele suvere is fan alle wrâldske en behinderjende binningen sil dy wis de azem fan de Leafste oer ûnmjittlike ôfstannen fermimme en, laat troch syn swietrook, de Stêd fan Wissigens berikke en yngean... Dy stêd is oars net ien as it Wurd fan God, iepenbiere yn alle tiidrekken en elke beschikking... Alle lieding, seinigingen, kennisse, begryp, leauwe en wissichheid, jûn oan al wat yn'e himel en op ierde is, wurde yn dy Stêden ferburgen en mei soarch bewarre."¹⁶

Der wurdt net iepenlik ferwiisd nei Bahá'u'lláhs eigen, foarearst net oankundige boadskip; "Het boek van Zekerheid" is earder opboud om in krêftige útlis oer it boadskip fan de ombrochte Báb hinne. Net de lêste reden dat it boek sa'n sterke ynfloed hie op de Bábi mienskip, dêr't ek in tal godgelearden en eardere teology studinten by hearden, wie, dat de skriuwer sjen lit dat er de Islamityske tinkwize en leare goed yn'e macht hat as er de oanspraak fan de Báb, dat dy de profesijen fan de Islam ferfolle hat, bewiist. Bahá'u'lláh rôp de Bábís op datjinge wurdich te wêzen wat de Báb har tabetroud hie en dêr't safolle har libben manmoedig foar jûn hienen. Hy dage har út net allinne har persoanlik libben yn oerienstimming mei de godlike learingen te bringen, mar har mienskip tagelyk ta model te meitsjen foar de heterogene befolking fan Baghdad, de Iraakse provinsjehaadstêd.

Hoewol't de bannelingen yn och sa earmoedige materiële omstannichheden libben, waarden hja tige stimulearre troch dy fisy. Ien persoan út dat selskip, hy hjitte Nabil, dy't letter in detaillearre skiedskriuwing oer sawol de beliedsperiode fan de Báb as dy fan Bahá'u'lláh neilitte soe, hat de geastlike yntensiteit fan dy dagen beskreaun:

"Mennich jûn libben op syn minst tsien minsken fan dadels dy't mar in stoer kosten. Nimmten wist fan wa't eins de skuon, de mantels of de boppeklean wienen, dy't se yn'e hûs hienen. Elk dy't nei de merk gie, koe sizze, dat de skuon oan syn fuotten sines wienen en elk dy't Bahá'u'lláh besocht koe befêstige, dat de mantel en it kleed dat er dan oan hie, fan him wienen. O, de freugde fan dy dagen en de blydskip en it wûnder fan dy oeren!"¹⁷

De konsulêre fertsjinwurdigers fan Perzië dy't troch hienen dat de Bábi episoade" syn tiid hân hie, besauden har doe't se fernamen dat de mienskip fan ballingen stadich mar wis in respektarre elemint waard dat in soad ynfloed krige yn de Iraakse provinsjeaadstêd en de stêden der omhinne. Om't ferskate fan de belangrykste grêftombes fan de sjiütyske Islam yn dy krite leinen, waard in oanhâldende stream fan Perzyske pilgrims ek bleatsteld, en dat ûnder de meast geunstige omstannichheden, oan in fernijde Bábi ynfloed. Under de hege funksjonarissen dy't Bahá'u'lláh yn it ienfâldige hûs dêr't Hy wenne opsochten, wienen prinsen fan de keninklike famylje. Ien fan harren wie sa optein troch dy ûnderfining, dat er op it wat naïve idee kaam dat hy, as er in duplikaat fan it gebou yn de tunen fan syn eigen bûten delsette soe, eat fan de atmosfear fan geastlike suverens en ûnthechting dy't er koart ûnderfûn hie, wer ta libben komme litte koe. In oarenien, dy't noch sterker oangrepen wie troch syn besyk, spriek tsjin syn freonen it gefoel út dat "as alle smerten fan'e wrâld yn myn hert opkroppe wêze soenen, dan soenen se foar myn gefoel allegear ferdwine as ik tichteby Bahá'u'lláh wie. It is as wie ik it paradys sels yngien..."¹⁸

De Ferkundiging yn de Tún fan Ridván

Yn 1863 ornearre Bahá'u'lláh dat de tiid kommen wie om in pear fan de minsken om Him hinne it boadskip bekend te meitsjen dat Him yn it tsjuster fan de Síyáh-Chál tabetroud wie.

Dat beskút foel gear mei in nije fase yn de opposysjekampanje tsjin Syn wurk, dêr't de sjüetyske Moslim geastlikheid en fertsjinwurdigers fan de Perzyske regearing ûnmeilydsum mei trochgien wienen. Om't se bang wienen dat troch de byfal dy't Bahá'u'lláh ûnder hege Perzyske besikers oan Irak begûn te krijen it entúsjasme by it folk yn Perzië ek wer oplôgje soe, oefene de regearing fan de Sjah druk út op de Ottomaanske auteriteiten om Him nei in oar plak yn it ryk te bringen, fier fan de Perzyske grins. Op't lêst joech de Turkse regearing ta oan dy druk en noege de banneling út om Him as har gast yn'e haadstêd Konstantinopel nei wenjen te setten nettsjinsteande de hoflike wurden dêr't it boadskip yn steld wie, wie it dúdlik dat it de bedoeling wie dat Hy die wat se fregen.¹⁹

De oandacht fan it lytse keppeltsje bannelingen hie him ûnderwilens net allinne konsintrearre op de persoan fan Bahá'u'lláh mar ek op Syn útlis oer de learingen fan de Báb. Hieltyd mear fan har wienen der fan oertsjûge rekke dat Hy net allinnich spriek as foarstanner fan de Báb, mar dat Hy ek de folle gruttere saak, dêr't de Báb fan sein hie dat er op hannen wie, fertsjinwurdige. Ein april 1863 waard dat befestige, doe't Bahá'u'lláh - de jûns foar't Hy ôfreizge nei Konstantinopel - in pear fan Syn selskiplju byinoar rôp yn in tún, dy't letter de namme Ridván ("Paradys") krige, en har de kearn fan Syn opdracht yn fertrouwen te witten die. Hoewol't de tiid noch net kommen wie om it algemien bekend te meitsjen, betrouden de taharkers yn de folgjende fjouwer jier fertroude freonere stadichoan it nijs ta dat de beloften fan de Báb yn ferfolging gien wienen en dat de "Dei fan God" oanbrutsen wie.

De krekte omstannichheden dêr't dy fertroulike meidieling yn dien waard binne, yn de wurden fan de Bahá'í autoriteit dy't it bêst op'e hichte is fan de tsjûgenissen út dy perioade, "yn sa'u tsjusterens bewuolle, dat it takomstige histoarisi net tafalle sil om dêr yn troch te kringen".²⁰ De aard fan de ferkundiging kin nei wearde skat wurde troch in soad fan Bahá'u'lláhs lettere geskriften dêr't Hy aloan wer yn nei Syn opdracht ferwize soe.

"It doel dat de grûnslach foarme fan de hiele skepping is de iepenbiering fan dy heechst ferheven, dy hillichste Dei, de Dei dy't yn Syn Boeken en Geskriften neamd wurdt de Dei fan God, de Dei dy't alle Profeten, en de Utferkarden, en de hilligen oanskôgje wold hienen"²¹

"...dit is de Dei dat it minskdom it antlit oanskôgje en hearre kin fan de Foarseine. De rop van God klinkt op en it ljocht fan Syn antlit ferljochtet de minsken. It foeget alle minsken om elk spoar fan idele wurden fan de tafel fan syn hert te wiskjen en iepen en sûnder foaroardielen it each te slaan op de tekens fan Syn Iepenbiering, de bewizen fan Syn Boadskip en de symboalen fan Syn hearlikhead."²²

Lykas yn Bahá'u'lláhs útlis oer it boadskip fan de Báb hieltyd wer mei klam sein wurdt, hat God mei it iepenbierjen fan Syn wil primêr ta doel in transformaasje fan it minskelik karakter te bewurkjen om yn har dy't harkje de morele en geastlike kwaliteiten te ûntwikkeljen dy't yn'e natuur fan de minske ferburgen lizze:

"O Minsken, sierje jim tonge mei oprjochtens en jim siele mei de kostbere earlikens. Hoedzje jim, o minsken, dat jim nimmer ferriede. Wês de fertrouwelingen fan God ûnder Syn skepsels en it symboal fan Syn edelmoedigens ûnder Syn folk..."²³

"Ferljochtsje en hilligje jim hert; lit it net ûntwijd wurde troch de toarnen fan hate of de stikels fan kweawilligens, Jimme wenje yn ien wrâld en binne skepen troch de wurking fan ien Wil. Segene is hy dy't mei alle minsken omgiet yn in geast fan uterste wolwilligens en leafde"²⁴

Fan de agressive bekearingsiver dy't yn eardere tiden it stribjen om religy bekend te meitsjen tekene hie, wurdt ferklearre dat dat de Dei fan God ûnweardich is. Elk dy't de Iepenbiering erkend hat, hat de plicht om dyjingen fan wa't er tinkt dat se sykjende binne, dêryn mei diele te litten, mar de reaksje moat er alhiel oan de taharkens oerlitte:

"Bewiis inoar ferdraachsumens, goedwilligens en leafde. Mocht immen ûnder jimme net bysteat wêze in bepaalde wierheid te fetsjen en him ynspanne om dy te begripen, lit dan yn jimme petear mei him in geast fan uterste freonlikens en goedwilligens sjen..."²⁵

"It is de heechste plicht fan de minske yn dizze Dei dat diel fan de stream fan genede te krijen, dat God foar him útstoart. Lit dêrom nimmen achtslaan op de grutte fan syn ûntfanklikens..."²⁶

Tsjin de eftergrûn fan it bluodrige barren yn Perzië learde Bahá'u'lláh Syn folgelingen net allinne "as jimme deade wurde is dat better as sels te deadzjen", mar Hy trune har ek oan in foarbyld te wêzen yn hearrigens oan de boargerlike autoriteiten: "Yn alle lannen dêr't leden fan dit folk wenje, moatte hja har loyaal, earlik en oprjocht foar de regearing fan dat lân oer hâlde en drage."²⁷

De omstannichheden om it ôfreizgjen fan Bahá'u'lláh út Baghdad hinne lieten op dramatyske wize de krêft fan dy begjinsels sjen. Yn mar in pear jier wie in groep bûtenlânske ballingen, waans kommen yn de streek erchtinken en ôfkear fan de kant fan har buorlju oproppen hie, ien fan de befolkingsgroepen wurden dy't meast respektarre waarden en in grutte ynfloed hienen. Sy fertsjimmen har brea mei goed rinnende bedriuwen; as groep waarden hja bewûndere om har goederjouskens en har rjochtskepen hâlden en dragen; de fûle beschuldigingen fan relegieus fanatisme en geweld, mei iver ferspraat troch funksjonarissen fan it Perzyske konsulaat en leden fan de sjütyske Moslim geastlikheid, hiene gjin ynfloed mear op de publike opiny. Doe't Bahá'u'lláh op 3 maaie 1863 út Baghdad ried, beselskippe troch Syn famylje en dyjingen fan Syn selskiplju en tsjinners dy't útkeazen wienen om Him nei Konstantinopel te begelieden, wie Hy immen wurden dêr't men tige wiis mei wie en heech by op seach.

Yn de dagen flak foar Syn ofreizgjen kaam in stream fan foarname persoanen, dêrby ek de gûverneur fan dy provinsje sels, nei de tún dêr't Hy Him tydlik nei wenjen set hie. In soad fan harren kaam fan grutte ôfstân om har achting te betsjûgjen. Omstanners fan dat ôfreizgjen hawwe yn oandwaanlike wurden skreaun oer it jûchhei, dêr't Hy mei begroete waard, de triennen fan in grut tal taskôgers en de soarch fan de Ottomaanske autoriteiten en pleatslike funksjonarissen om har besiker te earjen.²⁸

It Unferoarlike Leauwe fan God...

Nei de ferkundiging fan Syn sinding yn 1863 begûn Bahá'u'lláh in tema út te wurkjen dat al yn "Het Boek van Zekerheid" nei foaren brocht wie. It ferbân tusken de wil fan God en it ûntwikkelingsproses dat de geastlike en seedlike kapasiteiten dy't latent yn'e minsklike natoer oanwêzich binne ta utering komme lit. De útlis dêroer soe yn de restearjende tritich jier fan Syn libben in sintraal plak in Syn geskriften ynnimme. De godlike werklikheid, sa ferklearret Hy, is net te begripen en dat sil ek altyd sa bliuwe. Hokker wurden der yn it minsklik tinken ek brûkt wurde foar de godlike natoer, se slaan allinne op it minsklik bestean en binne de produkten fan minsklik besykjen om minsklike ûnderfiningen te beskriuwen:

"Fier, fier mei it wêze fan Jo gloarje wat de stjerlike minske fan Jo befêstigje kin of Jo taskriuwe kin of de lof dêr't er Jo mei ferhearlikje kin! Hokker plicht Jo Jo tsjimmers ek oplein ha om Jo majesteit en gloarje op'en heechsten te priizgjen dat is dan allinne mar in teken fan Jo genede foar har oer, sadat hja yn steat steld wurde meie harsels te ferheegjen ta de steat dy't oan har inerlik wêzen ferliend is, de steat fan harsels te kinnen"²⁹

"Foar elk skerp en ferljochte hert is it dúdlik dat God, de net te kinnen Essinsje, it godlik Wêzen, ûnmjittik fier stiet boppe elke minslke eigenskip, lykas lichaamlik bestean, op- en delgong, foar- en efterútgong. Fier is it fan Syn gloarje, dat de minslke tonge Syn lof nei behearren ferkundigje kin of dat it minskehert Syn boaiemleas mystearje begripe kin. Hy is en wie altyd ferburgen yn de alâlde ivichheid fan Syn Wêzen en sil foar ivich yn Syn Wurklikheid ferburgen bliuwe foar it minsklik each..."³⁰

Wat de minske ûnderfynt as er him keart ta de Skepper fan al it besteande binne de eigenskippen dy't ferbûn binne mei Gods hieltyd werkommende Iepenbieringen:

"Mei't de doar ta de kennisse fan de Alâlde fan'e Dagen foar alle wêzens sletten is liet de Boarne fan ûneinige genede dy strieljende Juwielen fan Hillichheid út it ryk fan de geast oan't ljocht komme yn de eale foarm fan de minsklike timpel en iepenbiere dy oan alle minsken, sadat hja oan de wrâld de geheimen fan it ûnferoarlike Wêzen meidiële kinne en fertelle fan de subtiliteiten fan Syn ûnfergonklike Essinsje."³¹

"Dy hillige Spegels... binne allegear de Belichemingen op ierde fan Him, dy't de sintrale Ljochtbol is fan it hielal, Syn Essinsje en úteinlik Doel. Ut Him komt har kennisse en krêft; oan Him ûntsprút har soevereiniteit. De skjintme fan har antlit is allinne mar in wjerspegeling fan Syn byld en har iepenbiering in teken fan Syn ûnstjerlike gloarje..."³²

Gods Iepenbieringen ferskille net wêzentlik fan inoar, hoewol't it ferlet dêr't se yn foarsjogge fan tiidrek ta tiidrek feroaret en sadwaande is de respons by elke Iepenbiering wer unyk:

"Dy attributen fan God binne net, en waarden nea, oan bepaalde Profeten yn't bysûnder ferliend en oan oaren ûnthâlden. Nee, alle Profeten fan God, Syn geunstelingen, Syn hillige en útferkarde Boadskippers, binne sûnder útsûndering de dragers fan Syn nammen en de belichemingen fan Syn attributen. Hja ferskille allinne yn de yntinsiteit fan har iepenbiering en de mear of minder sterke krêft fan har ljocht..."³³

Hja dy't de religy bestudearje wurde moanne om net ta te stean dat teologyske dogma's of oare foaropsette mieningen har der ta bringe om ûnderskie te meitsjen tusken har dy't God brûkt hat as kanalen fan Syn ljocht:

"Hoedzje jimme, o leauwigen yn de Ienheid fan God, dat jim net yn de fertieding komme it minste ûnderskie te meitsjen tusken hokker manifestaasje fan Syn Saak dan ek, of tusken de tekens dy't har Iepenbiering begelaat en oantsjut hawwe. Dit is yndie de wiere betsjutting gan godlike Ienheid, as jim hearre by har dy't dy wierheid begripe en deryn leauwe. Wês der boppedat wis fan dat de wurken en hannelingen fan elk fan de Manifestaasjes fan God- ja alles wat op har slacht en

alles dat hja yn'e takomst iepenbierje meie- troch God beskikt waarden en in wjerspegeling binne fan Syn Wil en Plan...³⁴

Bahá'u'lláh fergeliket de tuskenkomst fan de godlike Iepenbiering mei it werkommen fan de maitiid. De Boadskippers fan God binne net allinne leararen, hoewol't dat ien fan har wichtigste funksjes is. Earder hat de geast fan har wurden tegearre mei it foarbyld fan har libben, in tige djip wurkjende motivearringskrêft en it fermogen in fundamentele en bliuwende feroaring teweï te bringen. Har ynfloed iepenet nije riken fan ynsjoch en sukses.

"En om't der gjin bân fan direkte mienskip wêze kin dy't de iene wiere God mei syn Skepping ferbynt, en der gjin inkelde oerienkomst bestean kin tusken it fergonklike en de Ivige, it tafallige en de Absolute, hat Hy beskikt dat yn elk tiidrek en elke beskikking in suvere en ûnbesmette Siele yn de kerinkriken fan himel en ierde iepenbiere wurdt... Laat troch it ljocht fan de neafalende lieding, en beklaaid mei de heechste soevereiniteit, hawwe Hja (de Boadskippers fan God) de opdracht om de ynspiraasje fan har wurden, de ústrielingen fan har ûnfeilbere genede en de hilligjende koelte fan Har Iepenbiering te brûken om elk longerend herte en elke ûntfanklike geast te suvren fan it grom en it stof fan ierdske soargen en beheiningen. Dan en allinne dan sil it Pân fan God, ferburgen yn de werklikheid fan de minske, oan it ljocht komme... en it findel fan Syn iepenbiere hearlikheid plantsje op de top fan minskene herte."³⁵

Sûnder dy yngreep út de wrâld fan God bliuwt de minslke natoer de finzene fan it ynstinkt, en fan ûnbewitten ûnderstellingen en gedrachtspatroanen dy't kultureel bepaald binne:

"Nei't God de wrâld en al itjinge dat der yn libbet skepen hie, ferkeas Hij (God)... de minske it unike fermogen te ferlienen Him te kennen en leaf te hawwen - in fermogen dat beskôge wurde moat as de besieljende krêft, it wichtichste doel en de grûnslach fan de hiele skepping... Op de djipste werklikheid fan alles wat skepen is hat Hy it ljocht fan ien fan Syn Nammen skine litten en it ûntfanklik makke foar de hearlikheid fan éen fan Syn eigenskippen. Op it wêzentlike fan de minske lykwols rjochte Hy de glâns fan al Syn Nammen en eigenskippen en makke him ta in spegel fan Syn eigen wêzen.

Ut alles wat skepen wie waard allinne de minske útferkard foar sa'n geunst en sa'n bliuwende rynskens.

Dy krêften dêr't de... Boarne fan himelske lieding it wêzentlike fan de minske mei bejefstige hat, lizze lykwols yn himsels ferburgen, lykas de flam yn de kearse ferburgen is en de ljochtstrielen yn de lampe oanwêzich binne.

De útstrieling fan dy krêften kin troch wrâldske begearten fertsjustere wurde, lykas it ljocht fan de sinne ferburgen bliuwe kin ûnder it túch en de smoargens dy't de spegel bedekke. Noch de kearse noch de lampe kin troch eigen krêften begjinne te brânen, noch sil it foar de spegel ea mooglik wêze om himsels fan it túch te befrijen. It is folslein dúdlik dat de lampe nea brâne kin ear't er oanstutsen is, en dat de spegel nea it byld fan de sinne werjaan kin of har ljocht en har heartlikheid wjerspegele kin as it túch der net ôffage wurdt."³⁶

De tiid is kommen, hat Bahá'u'lláh sein, dat it minskdom it fermogen en de gelegenheid beide hat om it hiele panorama fan syn geastlike ûntjouwing as ien inkeld proses te sjen: "Sûnder wjergea is dy Dei, want hy is as in each dat sjocht op ferleine tiden en ieuwen, en lyk in ljocht yn de tsjusterens fan de tiden."³⁷ Ut sa'n each besjoen moatte de folgelingen fan de fan miening ferskillende religieuze tradysjes der nei stribje te begripen wat Hy "it ûnferoarlike Leauwe fan God"³⁸ neamd hat, en de wichtichste geastlike driuwfear derfan te ûnderskieden fan de feroarjende wetten en tinkbylden, dy't iepenbiere waarden om te foldwaan oan de behoeften fan in minslke mienskip, dy't him hieltyd fierder ûntjout.

"De Profeten fan God moatte beskôge wurde as dokters waans taak it is om it wolwêzen fan de wrâld en har folken te befoarderjen, sadat hja troch de geast fan ienheid de sykte fan in ferdieldde wrâld genêze kinne... Gjin niget dus dat de behandeling dy't de dokter yn dizze tiid foarskriuwt net alhiel gelyk is oan deselde dy't Hy earder foarskreau. Hoe soe it oars kinne dat de kwalen dêr't de sike oan lijt yn elk stadium fan syn sykte in apart genêsmiddel fregje. Op deselde wize hawwe de Profeten fan God alle kearen dat hja de wrâld ferlochte hawwe mei de swide strielen fan de Moarnstjer fan godlike kennis hieltyd wer de folken oproppe it ljocht fan God oan te nimmen troch dy middels, dy't it bêste beânturdzje oan de easken fan de tiid dêr't se yn ferskynden..."³⁹

Net allinne it hert, mar ek it ferstân moat him wije oan dat ûntdekkingsproses. It ferstân, ferklearret Bahá'u'lláh, is it grutste geskink fan God oan de minske, "in teken fan de iepenbiering fan... de soevereine Hear"ⁿ⁴⁰

Allinne troch him frij te meitsjen fan oerurven dogma's, religieus of materialistysk, kin it ferstân in ûnôfhinklik ûndersyk nei it ferbân tusken it Wurd fan God en de ûnderfining fan it minskdom begjinne. By sa'n geastlike speurtocht is foarardiel in wichtich obstakel: "Warskôgje... de beminden fan de iene wiere God net te krytysk te sjen nei wat minsken sein en skreaun hawwe. Lit har datjinge wat sein en skreaun is leaver benei komme mei in geast sûnder foarardielen en mei leafdefolle sympaty."ⁿ⁴¹

De Manifestaasje fan God

Wat alle oanhingers fan elk religieus systeem yn de wrâld mienskiplik hawwe is de oertsjûging, dat de siele troch godlike Iepenbiering yn kontakt komt mei de wrâld fan God, en dat krekt dy relaasje it libben wiere betsjutting jout. Inkelde fan de wichtichste passaaazjes yn Bahá'u'lláhs geskriften binne deselden, dy't de aard en de rol fan har dy't de kanalen fan dy Iepenbiering binne, de Boadskippers of de "Manifestaasjes fan God", yngeand behannelje. In hieltyd werkommende analogy yn dy passaaazjes is dy fan de sinne. Hoewol't de sinne bepaalde eigenskippen mei de oare himellichems fan it sinnestelsel dielt, ferskilt se der yn dy sin fan dat se sels de ljochtboarne fan it stelsel is. De planeten en de moannen wjerkeatse ljocht, wylst it útstrieljjen fan ljocht in eigenskip is dy't ûnskiedber mei de aard fan de sinne ferbûn is. It stelsel draait om dat mulpunt hinne, elk part wurdt net allinne troch syn eigen gearstalling beynfloede, mar ek troch syn relaasje mei de ljochtboarne fan it stelsel.⁴²

Analooch dêr oan, ferklearret Bahá'u'lláh, ûnderskiedt de minslike persoanlikheid, dy't de Manifestaasje fan God mei de rest fan de minsken dielt, har sa fan de oaren, dat dat har gaadlik makket om te tsjinjen as kanaal of ynstrumint foar Gods Iepenbiering. Skynber tsjinstridige referinsjes oan dy twaliddige rang, dy't bygelyks oan Kristus taskreaun wurdt,⁴³ foarmje troch de skiednis hinne it grutte tal boarnen fan religieuze betizing en twaspjalt. Bahá'u'lláh seit oer dat ûnderwerp:

"Alles wat is yn'e himel en op ierde is in direkt tsjûgenis fan de iepenbiering fan de attributen en de nammen fan God... Boppe alles is dat wier foar de minske dy't mids alles wat skepen is... útkeazen is foar de gloarje fan sa'n ûnderskieding. Want yn him binne alle attributen en nammen fan God latint iepenbiere op in wize dy't dy fan oare skepels te boppen giet... En fan alle minsken binne de Manifestaasjes fan de Sinne fan de Wierheid it meast folslein, it meast ûnderskieden en it treflikst. Wat mear is, al it oare bûten dy Manifestaasjes libbet troch de wurking fan harren Wil en beweecht en bestiet troch de útstoartings fan harren genede."⁴⁴

Troch de hiele skiednis hinne hat de oertsjûging fan leauwigen dat de stifter fan har eigen godstsjinst in unyk plak ynnaam, altyd wer, laat ta ferheftige spekulaasjes oer it wêzen fan de Manifestaasje fan God. Dy spekulaasjes waarden lykwols tige hindere troch de swierrichheden by it ynterpretearjen en ferklearjen fan allegoaryske taspilingen yn de eardere geskriften. It besykjen fêste foarm te jaan oan algemiene opfettings troch godstsjinstige dogmatiek is yn de skiednis earder in krêft west dy't twaspjalt siedde as dat er minsken byinoar brocht. Feitliken binne der, nettsjinsteande de soad enerzjy bestege oan it beoefnen fan de teology - of miskien krekt dêrtroch - hjoeddedei yngeande skelen ûnder Moslims oer de rang fan Mohammed, ûnder Kristenen oer dy fan Jezus en ûnder Boedhisten oangeande de Stifter fan harren godstsjinst. It hat mar al te dúdlik bliken dien, dat de striidpunten, dy't út dy en oare mieningsferskillen ûntstien binne binnen elke tradysje apart, teminsten like earnstich wienen as de kwestjes dêr't in leauwe troch skaat waard fan har susterleauwe.

Tige wichtich foar it begripen fan Bahá'u'lláhs learingen oer de ienheid fan de godstsjinsten binne dêrom Syn ferklearringen oer de rang fan de opinoar folgjende Boadskippers fan God en de funksje dy't troch harren ferfolle is yn de geastlike skiednis fan it minskdom:

"Elk fan dy Manifestaasjes fan God hat in twaliddige rang. De iene is de rang fan inkeld fergeastliking en wêzentlike ienheid. Wat dat oangiet wike jimme net ôf fan de wierheid, as jimme har allegearre by ien namme neame en oan har allegear deselde eigeskippen taskriuwe...

De oare rang is dy fan it ûnderskie en dy heart ta de wrâld fan de skepping en har beheiningen. Dat oangeande besit elke Manifestaasje fan God in eigen persoanlikheid, in foarbeskikte Iepenbiering en apart ôfbeakene beheiningen. Elk fan har draacht in oare namme, hat in spesiale eigenskip, ferfollet in bepaalde Sinding...

Sjoen yn it ljocht fan har twadde rang... manifestearje hja folsleine tsjinstberens, uterste earmoed en siferje hja harsels folslein wei. Lykas Hy seit: "Ik bin mar in minske, krekt as jimme..."

Soe ien fan de alles omfetsjende Manifestaasjes fan God ferklearje: "Ik bin God", dan sprekt Hy wiswier de wierheid, en dêr is gjin mis op. Want troch har Iepenbiering, har attributen en nammen wurdt de Iepenbiering fan God, Syn namme en Syn attributen bekend makke oan de wrâld... En as ien fan harren

ferklearje soe: "Ik bin de Boadskipper fan God," dan sprekt er likegoed de wierheid, sûnder mis... Yn dat ljocht besjoen binne hja allegearre Boadskippers fan dy folmakke Kening, de ûnferoarlike Essinsje... En soene hja sizze: "Wy binne de tsinners fan God, dan is dat ek in dúdlik feit dat sûnder mis wier is. Want hja binne iepenbiere yn de heechste steat fan tsjinstberens, in tsjinstberens sa't gin minske dy ea berikke kin"...⁴⁵

"Sa komt it dat wat hja ek sizze, oft it no slacht op it ryk fan godlikheid, hearskippij, of op it ryk fan de Profeten en Boadskippers, Behoeders, Apostels of Tsjinners, alles sûnder in swym fan twifel wier is. Dêrom moatte dy útspraken... goed oertocht wurde, sadat ferskillende útspraken fan de Manifestaasjes fan de Net-sjoene en de Moarnsdagen fan Hillichheid net langer de siele yn ûnstjoer en it ferstân yn betizing bringe."⁴⁶

In Jimmeroan-Fierdergeande Beskaving...

Yn dizze alinea's leit in perspektyf besletten dat it meast útdaagjende skaaimerke is fan Bahá'u'lláhs útlis oer de funksje fan de Manifestaasje fan God. Hy seit dat godlike Iepenbiering de driuwende krêft fan de beskaving is. As dy komt wurdt syn transformearjende útwurking op it ferstân en de geast fan har dy't der op reargearje reprodusearre yn de nije mienskip dy't stadichoan stal kriget om har religieuze ûnderfiningen hinne. Der ferskynt in nij mulpunt fan loyaliteit, dat folken mei in tige grut ferskaat oan kultueren har yn behelje litte; de muzyk en de keunst gripe symboalen oan dy't in folle rikere en in mear folwoeksen ynspiraasje oerbringe; in radikale werdefinearing fan de begripen goed en kwea makket it formulearjen fan nije wetboeken foar boargerlik rocht en gedrach mooglik; der wurde nije ynstituten yn't libben roppen om útdrukking te jaan oan ympulsen fan morele ferantwurdelikheid dêr't foarhinne gjin achtop slein waard of dy't ûnbekend wienen: "Hy wie yn'e wrâld, en de wrâld is troch Him wurden..."⁴⁷ Neigeraden de nije kultuer him ûntjout ta in beskaving, assimilearret hja ferwurvenheden en ynsichten fan eardere tiden yn in grut tal nije kombinaasjes. Elementen fan eardere kultueren dy't net opnommen wurde kinne bliede dea of wurde opnommen troch marzjinale eleminten ûnder de befolking. It Wurd fan God skept nije mooglikheden likegoed yn it yndividuele bewustwêzen as yn de minslike ferhâldingen.

"Elk wurd dat ta Gods mûle útgiet, is laden mei sa'n krêft dat it elk minsklik lichem mei nij libben besielje kin... Alle wûndere wurken dy't jim yn dizze wrâld oanskôgje, binne sichtber troch de wurken fan Syn heechste en meast ferheven Wil, Syn wûnderbaarlik en ûnferoarlík Plan... Amper is dat skitterjende wurd útsprutsen of de besieljende krêft derfan, dy't yn alles wat skepen is bestiet, ropt de middels en ynstruminten yn't libben dêr't sokke wurken mei ta stân brocht en folslein makke wurde kinne... Yn de kommende tiid sille jim wiswier dingen sjen, dêr't jimme foarhinne nea fan heard hawwe... Elke letter op himsels, dy't ta Gods mûle útgiet, is mei rjocht en reden in memmeletter, en elk wurd dat utere wurdt troch Him, Dy't de Boarne fan'e godlike iepenbiering is, is in memmewurd..."⁴⁸

In Jimmeroan-Fierdergeande Beskaving...

Yn dizze alinea's leit in perspektyf besletten dat it meast útdaagjende skaaimerke is fan Bahá'u'lláhs útlis oer de funksje fan de Manifestaasje fan God. Hy seit dat godlike iepenbiering de driuwende krêft fan de beskaving is. As dy komt wurdt syn transformearjende útwurking op it ferstân en de geast fan har dy't der op reargearje reprodusearre yn de nije mienskip dy't stadichoan stal kriget om har religieuze ûnderfiningen hinne. Der ferskynt in nij mulpunt fan loyaliteit, dat folken mei in tige grut ferskaat oan kultueren har yn behelje litte; de muzyk en de keunst gripe symboalen oan dy't in folle rikere en in mear folwoeksen ynspiraasje oerbringe; in radikale werdefinearing fan de begripen goed en kwea makket it formulearjen fan nije wetboeken foar boargerlik rocht en gedrach mooglik; der wurde nije ynstituten yn't libben roppen om útdrukking te jaan oan ympulsen fan morele ferantwurdlikheid dêr't foarhinne gjin achtop slein waard of dy't ûnbekend wienen: "Hy wie yn'e wrâld, en de wrâld is troch Him wurden..."⁴⁷ Neigeraden de nije kultuer him ûntjout ta in beskaving, assimilearret hja ferwurvenheden en ynsichten fan eardere tiden yn in grut tal nije kombinaasjes. Elementen fan eardere kultueren dy't net opnommen wurde kinne bliede dea of wurde opnommen troch marzjinale eleminten ûnder de befolking. It Wurd fan God skept nije mooglikheden likegoed yn it yndividuele bewustwêzen as yn de minslike ferhâldingen.

"Elk wurd dat ta Gods mûle útgiet, is laden mei sa'n krêft dat it elk minslik lichem mei nij libben besielje kin... Alle wûndere wurken dy't jim yn dizze wrâld oanskôgje, binne sichtber troch de wurken fan Syn heechste en meast ferheven Wil, Syn wûnderbaarlik en ûnferoarlik Plan... Amper is dat skitterjende wurd útsprutsen of de besieljende krêft derfan, dy't yn alles wat skepen is bestiet, ropt de middels en ynstruminten yn't libben dêr't sokke wurken mei ta stân brocht en folslein makke wurde kinne... Yn de kommende tiid sille jim wiswier dingen sjen, dêr't jimme foarhinne nea fan heard hawwe... Elke letter op himsels, dy't ta Gods mûle útgiet, is mei rjocht en reden in memmeletter, en elk wurd dat utere wurdt troch Him, Dy't de Boarne fan'e godlike iepenbiering is, is in memmewurd..."⁴⁸

De rige fan godlike Iepenbiering is neffens de Báb "in proses dat gjin begjin hie en gjin ein hawwe sil."⁴⁹ Hoewol't it Boadskip fan elk fan de Manifestaasjes beheind is yn tiid en yn de útwurking dy't it hat, is it in wêzentlik ûnderdiel fan in oanhâldende, him ûntjouwende iepenbiering fan Gods macht en wil:

"Beskôgje mei jim inerlik each de rige fan op inoar folgjende Iepenbieringen dy't de Manifestaasje fan Adam mei dy fan de Báb ferbine. Ik tsjûgje foar God dat in elk fan dy Manifestaasjes delstjoerd waard troch de wurking fan de Wil en it Plan fan God, dat elk de drager wie fan in bepaald boadskip en dat oan elk fan har in godlik iepenbiere Boek tabetrouw waard... De omfang fan de Iepenbiering dêr't in elk fan har mei lykslein waard wie dúdlik ôfbakene..."⁵⁰

By einsluten begjint der, neigeraden dat de geastlike boarnen fan in hieltyd fierder ûntjouwende beskaving útput reitsje, in proses fan desyntegraasje, sa't dat yn de hiele wrâld fan waar te nimmen ferskynsels bart. Bahá'u'lláh makket wer gebrûk fan de oerienkomsten dy't de natoer Him biedt, en fergeliket dat hiaat yn de ûntjouwing fan de beskaving mei it begjin fan de winter. De morele libbenskrêft wurdt minder, lykas de maatskiplike gearhing. Utdagingen dy't men earder oerwûn hawwe soe, of omset hawwe soe yn mooglikheden ta ûndersyk en sukses, wurde net oer te kommen barrières. De godstsjinst ferliest har betsjutting en it eksperimentearjen rekket stadichoan sûnder ferbân, sadat de maatskiplike twaspjalt aloan slimmer wurdt. Unwissens oer de betsjutting en de wearde fan it libben jout hieltyd mear eangst en betizing. Sprekkend oer dy tastân yn ús eigen tiid seit Bahá'u'lláh:

"Wy kinne klear waarmimme hoe't it hiele minskdom midden yn grutte, net foarsjocne rampen leit. Wy sjogge dat it swier besocht en ûtnochtere weikwynt op syn siikbêd. Hja dy't dronken binne fan ferbylding hawwe har tusken it minskdom en de godlike en ûnfeilbere Dokter set. Sjoch hoe't hja alle minsken, harsels derby, fertiisd hawwe yn de netten fan har mûklisten. Hja kinne de oarsaak fan har sykte net fine en witte it genêsmiddel net. Hja hâlde wat rjocht is foar krûm, en sjogge yn har freon har fijân."⁵¹

Hieltyd as in godlike ympuls oan syn doel beântwurde hat, herhellet it proses him. Der ferskynt in nije Manifestaasje fan God mei in follere mjitte fan godlike

ynspiraasje foar it folgjende stadium yn it bewustwurden en de beskaving fan it minskdom.

"Betink de oere dat de ferheven Manifestaasje fan God him oan de minsken iepenbieret. Ear't de oere oanbrekt, is it Alálde Wêzen dat noch oan gjin minske bekend is en dat it Wurd fan God noch net sprutsen hat, de Alwittende yn in wrâld dêr't gjin minske Him koe. Hy is mei rjocht en reden de Skepper sûnder in skepping... Dat is wiswier de Dei dêr't fan skreaun is: "Oan wa sil yn dy Dei it Keninkryk wêze?" En der is gjin minske ree om dêrop te antwurdzjen!"⁵²

Oan't in part fan it minskdom begjint te harkjen nei de nije Iepenbiering, en in nij geastlik en maatskiplik model stal begjint te krijen, libje de minsken yn geastlik en moreel opsicht fan de lêste bewyskes fan eardere godlike jeften. De rûtesaken fan de maatskippij wurde faaks wol, faaks net ôfhannele; wetten kinne folge of negearre wurde; maatskiplike en politike eksperimenten kinne oanslaan of mislearje; mar de boaiem fan it leauwe - dêr't gjin maatskippij ûnbeheind sûnder bestean kin - is útput. Oan de "ein fan'e tiden" en de "ein fan'e wrâld" begjinne de geastlik ynstelden har wer ta de skeppende Boarne te kearen. Al kin it proses ûnhandich of betizend ferrinne, al binne guon keuzes, dy't yn berie nommen wurde, plomp en ûngelokkich, sa'n sykjen is in yntuify antwurd op it besef, dat der him yn it eardere libben fan it minskdom in ôfgryslke wide kleau iepene hat.⁵³ Bahá'u'lláh seit dat de útwurking fan de nije Iepenbiering alles-omfiemjend is en net beheind bliuwt ta it libben en de learingen fan de Manifestaasje fan God, dy't it mulpunt fan de Iepenbiering is. Hoewol't dy útwurking net begrepen wurdt, kringt der hieltyd mear troch yn minslike oangelegenheden, sadat de tsjinstridichheden yn algemiene ûnderstellingen en yn de maatskippij bleatlein wurde, en it sykjen nei ynsjoch yntinser wurdt.

De rige fan Manifestaasjes is in diminsje dy't ûnskiedber ferbûn is oan it bestean, ferklearret Bahá'u'lláh, en dy sil trochgean salang't de wrâld bestiet: "God hat Syn Boadskippers nei de ierde stjoerd om Mozes en Jezus op te folgjen, en sa sil Hy trochgean, 'oant de ein dy't gjin ein hat'..."⁵⁴

De Dei fan God

Wat beskôget Bahá'u'lláh as it doel fan de evolúsje, fan it minslik bewustwêzen? It doel derfan is, sjoen yn it ljocht fan de ivichheid, dat God yn de spiegel fan Syn skepping hieltyd dúdliker de werjefte fan Syn folsleinichheden sjocht en dat mei de wurden fan Bahá'u'lláh:

"...elk skepsel sels en yn himsels en by de rang fan de Manifestaasje fan syn Hear tsjûge kinne sil dat der wiswier gjin oare God is as Hy en dat sadwaande elk skepsel syn wei fine sil oant de heechste werklikheid oant de minske neat oanskôgje kinne sil sûnder God deryn te kennen."⁵⁵

Yn de kontekst fan de beskavingsskiednis wie it eachmerk fan de op inoar folgjende Manifestaasjes it minslik bewustwêzen ta te rieden op de ienwurding fan it minskdom ta ien inkele soort, ja sels as ien inkel organisme dat by steat is de ferantwurdelikens foar syn mienskplike takomst te oanfurdigjen: **"Hy Dy't jimme Hear is, de Albermhertige,"** seit Bahá'u'lláh, **"hat yn Syn hert de winsk om it hiele minskdom as ien siele en ien lichem te sjen,"⁵⁶** Net earder as dat it minskdom syn organyske ienheid oanfurdige hat, kin it syn direkte swierrichheden yn'e mjitte gean, lit stean dat wat har te wachtsjen stiet: **"It wolwêzen fan it minskdom,"** seit Bahá'u'lláh mei klam, **"syn frede en feilichheid binne ûnberikber, as syn ienheid net bliuwend ta stân brocht is."⁵⁷** Allinne ien wrâldomfiemjende mienskip kin syn bern it fielen fan inerlik betrouwen jaan dat besletten leit yn ien fan Bahá'u'lláhs gebeden oan God: **"Hokker plicht Jo Jo tsjinners ek oplein hawwe om Jo majesteit en gloarje op in heechsten te prûzgjen, dat is dan allinne mar in teken fan Jo genede foar har oer, sadat hja by steat steld wurde meie om har te ferheffen ta de steat dy't ferliend is oan har inerlik wêzen, de steat harsels te kennen."⁵⁸** Alinne troch it berikken fan wiere ienheid kin it minskdom -paradoksaal genôch- syn ferskaat en syn yndividualiteit folslein ûntwikkelje. Dat doel tsjinnen de boadskippen fan alle Manifestaasjes fan God dy't yn'e skiednis bekend binne, de Dei fan **"ien keppel, ien hoeder"**.⁵⁹ It berikken dêrfan, seit Bahá'u'lláh, is dat stadium fan beskaving dêr't it minskeras no oan begjint.

Ien fan de analogyen dy't it meast ta de ferbylding sprekt en dy't net allinne de skriften fan Bahá'u'lláh, mar ek yn dy fan de Báb foar Him te finen is, is de fergeliking tusken de evolúsje fan it minskeras en it libben fan it yndividueel minsklik wêzen. It minskdom hat yn syn minsklike groei stadia trochrûn dy't jin tinke litte oan de perioaden fan de beukertiid, de bernejierrren en de pubertiid by it folwoeksen wurden fan syn yndividuele leden. Wy belibje no it begjin fan ús mienskiplike folwoeksenheid, bejeftige mei nije kwaliteiten en kânsen dêr't wy ynearsten noch gjin euveldoed yn hawwe.⁶⁰

Tsjin dy eftergrûn is it foaroansteand plak dat yn de skriften fan Bahá'u'lláh jûn wurdt oan it prinsipe ienheid net sa slim te begripen. De ienheid fan it minskdom is it liedmotief foar it tiidrek dat no begjint, de mjitstêf dêr't alle foarstellen foar de ferbetteringen fan it minskdom mei hifke wurde moatte. Bahá'u'lláh ferklearret mei klam dat der mar ien minskeras is; oerurven mieningen dat in bepaalde rasiale etnyske groep op de iene of oare manier superieur is oan de rest fan it minskdom binne nearne op fundearre. Om't alle Boadskippers fan God tsjinne hawwe as bemiddelers fan de iene godlike Wil, binne har iepenbieringen lyksa mienskiplik erfgoed fan dy hiele minsklike famylje; alle persoanen op ierde binne wettige erfgenamten fan dy folsleine geastlike tradysje. Bliuwe by foarordiel fan hokfoar aard dan ek is skealik foar de belangen fan de maatskippij en is ek in skeining fan Gods wil foar ús tiidrek:

"O stridende folken en slachten fan de ierde! Kear jimme antlit nei ienheid en lit de swidens fan har ljocht jimme beskine. Kom by inoar en beslút om de wil fan God, om alles dat in boarne fan striid ûnder jimme is, út te bannen... It is sa wis as wat dat alle minsken fan de wrâld, ta hokker ras of hokker godtsjinst hja ek hearre, besieling helje út ien himelske Boarne en de ûnderdienen binne fan ien God. It ferskil tusken de foarskriften dêr't hja ûnder libje moat taskreaum wurde oan de wikseljende easken en it feroarjende ferlet fan de tiid dêr't dy yn iepenbiere waarden. Dy waarden - útsein in pear foarskriften dy't fuortkomme út de ferdoarnens fan de minske - troch God beskikt en binne in wjerspegeling fan Syn Wil en Plan. Kom fanwegen en tebrizelje, wapene mei de krêft fan it leauwe, de goaden fan idele ferbylding dy't twaspjalt ûnder jimme siedzje..."⁶¹

It tema ienheid rint as in reade tried troch de skriften fan Bahá'u'lláh: "De tabenakel fan ienheid is oprjochte; beskôgje jimme inoar net as frijmdlingen."⁶² "Gean mei de folgelingen fan alle religy's om yn in geast fan freonlikens en kammeraatskip."⁶³ "Jimme binne de fruchten fan ien beam en de blêden fan ien túke."⁶⁴

It proses fan it mearderjierrich wurden fan it minskdom falt gear mei de evolúsje fan de maatskippij. Mei it gesin en syn ferskillende tafoegingen as begjin hat it minskdom mei wikseljend sukses gearwurkingsfoarmen úntwikkelle, dy't basearre binne op de clan, de stam, de stêdsteat en it meast resint de naasje. Dit maatskiplik bestel, dat stadichoan rûmer en mear komplisearre waard, joech de minske sawol de stimulâns as de romte foar de ûntjouwing fan syn kapisiteiten en dizze ûntjouwing hat op syn bar laat ta hieltyd wer nije wizingen yn it sosjale systeem. It mearderjierrich wurden fan it minskdom moat dêrom in folsleine transformaasje fan de maatskippij ta gefolch hawwe, in maatskippij dy't by steat is gebrûk te meitsjen fan it folsleine ferskaat fan it minsklik geslacht en dy't baat fynt by it hiele skala oan talinten en ynsichten, dy't troch tûzenen jieren fan kulturele ûnderfiningen ferfine binne:

"Dit is de Dei dat Gods heechste gunsten oer de minsken útstoart binne; de Dei dat syn machtichste genede alles wat skepen is trochkrongen hat. It is de plicht fan alle folken op ierde har skelen by te lizzen en yn folsleine ienheid en frede ûnder it skaad fan de Beam fan Syn noed en goedgeunstigens te ferkearen... Mei koarten sil de hjoeddeiske oarder oprôle wurde en in nijenien sil ynstee dêrfan útspraat wurde. Wiswier, jimme Hear sprekt de wierheid en is de Kenner fan net-sjoene dingen"⁶⁵

It wichtichste helpmiddel foar de transformaasje fan de maatskippij en it berikken fan wrâldienheid, seit Bahá'u'lláh, is it festigjen fan gerjochtichheid yn de saken dy't it minsdom oanbelange. Dit ûnderwerp nimt yn Syn learingen in sintraal plak yn:

"It ljocht fan de minske is Gerjochtichheid. Dôvje it net mei de tsjinwyn fan ûnderdrukking en tiranije. It doel fan gerjochtichheid is it kommen fan ienheid

ûnder de minsken. De oaseaan fan godlike wiisheid brûzet troch dit ferheven wurd, wylst de boeken fan de wrâld de inerlike betsjutting derfan net befetsje kinne...⁶⁶

Yn Syn lettere skriften hat Bahá'u'lláh dúdlik makke wat út dat begjinsel fuortkomt foar it tiidrek as it minskdom folwoeksen is: "Froulju en manlju binne yn Gods eagen lykwaardich en sille dat altyd bliuwe,"⁶⁷ seit Hy, en foar de foarútgong fan de beskaving is it needsaaklik dat de maatskippij har saken sa regelet dat dit feit folslein ta útdrukking komt. De helpboarnen fan de ierde binne fan alle minsken, net allinne mar fan ien bepaald folk. Ungelikense bijdragen oan it algemien ekonomysk wolwêzen fertsjinje in ûngelikense mjitte fan beleanning en erkenning en moatte dy ek krije, mar oan de utersten fan rykdom en earmoede dêr't de measte steaten op ierde troch teheistere wurde moat in ein komme, likefolle hokfoar sosjaal-ekonomyske filosofyen men ek oanhinget.

De Bekendmaking oan de Keningen

It grutste diel fan de hjir boppen oanhelle skriften waard iepenbiere ûnder weriepenere ferfolgingen. Al gau nei't de bannelingen yn Konstantinopel oankommen wienen, waard dúdlik dat de earbewizen dêr't Bahá'u'lláh op Syn reis nei Bagdad mei oerladen wie, mar in koart útstel west hienen. It beslút fan de Ottomaanske autoriteiten om de "Bábi" lieder en Syn maten oer te bringen nei de haadstêd fan it ryk ynstee fan nei de iene of oare efterôflizzende provinsje alarmearre de fertsjintwurdigers fan de Perzyske regearing.⁶⁸ Om't de Perzyske ambassadeur bang wie dat de ûntwikkelingen yn Bagdad har herhelje soene en dat de bannelingen diskear net allinne de sympaty mar faaks sels de loyaliteit fan belangrike figueren yn de Turkske regearing foar har winne soenen, trunde hy der oamientriedwei op oan dat hja nei ien of oar mear efterôflizzend part fan it ryk stjoerd wurde soenen. Syn redeneering wie dat de fersprieding fan in nij religieus boadskip yn de haadstêd likegoed polityk of religieus ferfelende gefolgen hawwe kinne soenen.

Yn't earstoan fersette de Ottomaanske regearing him fûl. De earste minister 'Ali Páshá, hie westerske diplomaten te witten dien dat neffens him Bahá'u'lláh "in tige foaroansteand man wie, dy't him ta deugd oanstelde, tige evenredich wie en in tige weardige figuer wie." Syn learings wienen, neffens de minister, "in hege achting wurdich," om't se de religieuze haat tsjin gyngen dy't de Joadske, Kristlike en Islamityske ûnderdienen fan it ryk ferdield hâlde.⁶⁹

Der ûntstie lykwols sa stadichoan wat fan wrok en erchtinken. Yn de Ottomaanske haadstêd wie de politike en ekonomyske macht yn'e hannen fan höffunksjonarissen dy't op in inkele útsûndering nei, amper of net bekwaam wienen. Korrupsje wie de oalje dêr't de regearingsmasine op draaide en de haadstêd wie in magneet foar in kliber minsken dy't út alle dielen fan it ryk en dêrbûten tistreamden, op syk nei geunsten en ynfloed. Fan elke pommerant út in oar lân of út ien fan de ûnderhearrige gebiedsdielen waard ferwachte dat er, fuort nei't er yn Konstantinopel oankommen wie, him joech by de keppel, dy't yn de ûntfangkeamer fan de pasja's en ministers fan it keizerlik hôf op geunsten longeren. Der wie gjin groep mei in minnere reputaasje as de konkurearjende

groepen Perzyske politike bannelingen, dy't bekend stienen om't hja sa fyn ynlein en trochtrape wienen.

Ta fertriet fan de freonen dy't Him mei klam fregen gebrûk te meitsjen fan de hearskjende fijânskip tsjin de Perzyske regearing en fan de sympaty dy't Syn eigen lijen oproppen hie, makke Bahá'u'lláh dúdlik dat Hy gjin fersiken yn te tsjinjen hie. Hoewol't ferskate ministers him in hofliksheid besite brochten yn de wemning dy't Him tawiisd wie, makke Hy gjin gebrûk fan dy kânsen. Hy sei dat Hy yn Konstantinopel wie as gast fan de sultan, op dy syn fersyk en dat Syn belangstelling útgie nei geastlike en morele saken.

Doe't de Perzyske ambassadeur, Mírzá Husayn Khán, hiel wat jierren letter neitocht oer syn amtstermyn yn de Ottomaanske haadstêd en klage oer de skea dy't de habsucht en de ûnbetrouwberheid fan syn lânslju oan de reputaasje fan Perzië yn Konstantinopel oanbrocht hie, brocht er op ûnferwachte iepenhertige wize hulde oan it foarbyld dat de hâlding fan Bahá'u'lláh yn koarte tiid jaan kind hie.⁷⁰ Yn dy tiid lykwols makken hy en syn kollega's gebrûk fan de sitewaasje troch dy foar te stellen as in slúchslimme manier fan de kant fan de banneling om geheime gearspannings tsjin de algemiene feilichheid en de steatsgodstsjinst te ferbergen. Under druk fan dy ynfloeden namen de Ottomaanske autoriteiten op't lêst it beslút Bahá'u'lláh en Syn famylje oer te bringen nei de provinsjestêd Adrianopel. De ferhuizing barde oerhastich midden yn in ôfgrypslik strange winter. Underbrocht yn in wente dy't ûntarikkend wie en troch in tekoart oan gaadlike klean en oare foarsjenningen, hienen de bannelingen in jier lang slim te lijen. It wie dúdlik dat hja, hoewol't hja net yn steat fan beskuldiging steld wienen en gjin gelegenheid krigen om har te ferdigjenen, samar ta steatsfinzenen makke wienen.

Ut it eachpunt fan de godstsjinsten wei besjoen hawwe de opinoar folgjende ferbanningen fan Bahá'u'lláh nei Konstantinopel en Adranopel in sprekkende symboalyske betsjutting. Foar't earst stuts in Manifestaasje fan God, Stichter fan in selsstannich religieus systeem dat him mei gauwens oer de hiele planeet ferspriede soe, de nauwe see-ingte dy't Azië fan Europa skiedt oer en sette foet yn "it westen". Alle oare grutte religy's wienen yn Azië ûntstien en it optreden fan Stichters wie beheind bleaun ta dat kontinent. Ferwizend nei it feit dat de beskikkingen út it ferline, en yn't bysûnder dy fan Abraham, Kristus en Mohammed, har wichtichste ynfloed op de ûntjouwing fan de beskaving útoefene hienen doe't se har útwreiden nei it Westen, foarsei Bahá'u'lláh dat itselde yn dit nije tiidrek barre soe, mar op in ûnmjitlik gruttere skaal: "Yn it Easten is it ljocht

fan Syn Iepenbiering trochbrutsen; yn it Westen binne de tekens fan Syn Hearskippij al te sjen. Lit dat yn jim hert omgean o minsken..."⁷¹

It is dan ek gjin wûnder dat Bahá'u'lláh dat stuit útkeas om Syn Iepenbiering, dy't sa stadichoan de trou fan de folgelingen fan de Báb troch it hiele Midden-Easten wûn hie, algemien bekend te meitsjen. Syn bekendmakking kaam yn de foarm fan in rige ferklearringen dy't ta de opmerklikste dokuminten út de skiednis fan de godstsjinst hearre. Dêryn rjochtet de Manifestaasje fan God Him ta de "Keningen en de Hearskers fan'e wrâld" en kundiget har de dage fan de Dei fan God oan. Hy doelt dêrby op de foarearst ûnfoarstelbere feroaringen dy't troch de hiele wrâld mear driuwrêft krigen. Hy die in berop op harren as folmachten fan God en fan har meiminsken op te stean om fanwegen te kommen en te helpen by it proses fan it ienmeitsjen fan it minskdom. Fanwegen de earbied dy't har tadroegen waard troch it grutste part fan har ûnderdienenen fanwegen it absolute aard fan de hearskippij dy't hja útoefenen, lei it yn harren macht, sei Hy, om te helpen by it ta stân bringen fan de wat Hy neamde de "Allergrutste Frede" in wrâldoarder dy't him ûnderskiedt en besiele wurdt troch godlike gerjochtichheid.

It falt foar de hjoeddeiske lêzer ôfgryslík ôf om him in byld te foarmjen fan de morele en yntelektuele wrâld dêr't dy monarchen fan in ieu ferlyn yn libben. Ut har biografyen en persoanlike korrespondinsje docht klear bliken dat hja op in inkele útsûndering nei, sels godfruchtich wienen en in liedende rol yn it geastlik libben fan har lân ferfolten, fakentiden as haad fan'e steatsgodstsjinst en oertsjûge wienen fan de ûnfeilbere wierheden fan de Bibel of de Koran. De macht dy't de measten fan har útoefenen, ûntlienden hja rjochtsstreeks oan it godlik gesach fan passaazjes út dyselde skriften, in gesach dêr't se har krêftich oer út lieten. Hja wienen de salvingen fan God. Profesijen oer "de Dei fan it Oardiel" en "it Keninkryk fan God" wienen foar har gjin myten of allegoryen, mar wissichheden dêr't de hiele morele oarder op rêstte en dêr't hja sels troch God yn oproppen wurde soenen om rekkenskip fan har rintmasterskip ôf te lizzen.

Oan dy tinkwrâld rjochte Bahá'u'lláh Him yn Syn brieven:

"O, keningen fan de ierde! Hy, de soevereine Hear fan elkenien is kommen. It Keninkryk heart oan God, de almachtige Beskermer, de Troch-Himsels-Besteande... Dit is in Iepenbiering dy't mei neat wat jimme besitte fergelike wurde kin, wisten jimme it mar.

Hoedzje jimme dat jimme grutskens jim der net fan wjerhâldt de Boarne fan Iepenbiere te erkennen, dat wrâldske saken jimme net as mei in wale ôfslute fan Him Dy't de Skepper fan'e Himelen is... By de gerjochtichheid fan God! It is net Us winsk de hân te lizzen op jimme keninkryk. It is ús opdracht it hert fan de minsken oan te reitsjen en dat yn besit te krijen..."⁷²

"Wit dat de earmen it pân fan God binne yn jim fermidden. Tink der om dat jimme Syn betrouwen net beskamje, dat jim har net ûnrjochtfeardich behannelje en dat jim net de wegen fan de ferrieders bewandelje. Jim sille wis oproppe wurde om jim te ferantwurdzjen foar Syn betrouwen, de deis dat de Skealje fan Gerjochtichheid ynsteld wurde sil, de deis dat oan elk jûn wurde sil wat him takomt, en it dwaan en litten fan alle minsken, itsij ryk itsij earm, ôfwoegen wurde sil.

Undersykje Us Saak, fernim nei itjinge dat Us oerkommen is en oardielje rjochtfeardich tusken Us en Us fijannen, en wês ien fan har dy't har neisten rjochtfeardich behannelje. As jim de hân fan de ûnderdrukker net tsjinhâlde, as jim net ynsteat foar de rjochten fan de fertrapeenen hok rjocht hawwe jim dan om jimsels te ferheegjen boppe de minsken?"⁷³

"As jim gjin acht slane op de riejouwingen dy't Wy... yn dizze Tafel iepenbiere hawwe, sil godlike kastijing jim fan alle kanten treffe en it fonnis fan Syn gerjochtichheid oer jim útsprutsen wurde. Dy deis sille jim net de krêft hawwe om Him te wjerstean, en jim eigen ûnmacht tajaan..."⁷⁴

It byld fan de "Grutste Frede" fûn gjin wjerklank by de hearskers fan de njoggentjinde ieu. Net allinne keningen waarden rekrutearre foar nasjonale ferhearliking en gebiedsútwreiding, mar ek parlementariërs, akademisy, keunstners, kranten en de wichtichste godstsjinstige ynstellings wienen fûleinige propagandisten foar it westerske triomfalisme. Foarstellen foar maatskiplike feroaringen, hoe ûnbaatsuchtich en idealistysk ek, waarden al gau in proai fan in stream ideologyen, dy't opsmiten waard troch it opkommende tij fan dogmatysk materialisme. Yn it Easten dat ferlamme wie troch syn eigen oanspraken alles te fertjintwurdigjen wat de minske ea fan God wist of witte kinne soe, sonk de Islamityske wrâld stadichoan djipper wei yn ûnwittendheid, apaty en in fijanskipp tsjin in minskdom dat dy geastlike superioriteit net tajoech.

De Oankomst yn it Hillige Lân

Mei it each op de dingen dy't earder yn Baghdad bard wienen like it nuver dat Ottomaanske autoriteiten net foarsjoen hawwe wat it as gefolgen hawwe soe Bahá'u'lláh him wer yn in belangrike stêd nei wenjen sette soe. Binnen in jier nee Hy yn Adrianopel oankommen wie, hie har finzene earst de belangstelling en de hertstochtelike bewûndering fan pommeranten út it yntellektuele en bestjoerlike libben fan de streek foar him wûn. De fertsjintwurdigers fan Perzyske konsulaat besauden har der oer, dat twa fan de meast tawijde bewûnderers Khurshíd Páshá, de gûverneur fan de provinsje, en de Shaykh Islam, de wichtichste religieuze hege funksjonaris fan de Sûniten, wienen. Yn eagen fan Syn gasthearen en it measte part fan de minsken wie de banneling etysk filosoof en in hillige en waard de jildichheid fan Syn learingen net allinne wjerspegele troch it foarbyld fan Syn eigen libben mar ek troch de feroaringen dy't se teweibrochten by de streamen Perzyske pilgrims dy't nei dit efterôf lizzer sintrum fan it Ottomaanske Ryk teagen om Him te besykjen.⁷⁵

Dy ûnfoarsjoene ûntjouwingen oertsjûgen de Perzyske ambassadeur en syn kollega's derfan dat it allinne mar in kwestje fan tiid wêze soe ear't de Bahá'í-beweging, dy't him ek yn Perzië hieltyd fierder útwreide, him fêstige hawwe soe as in wichtige macht yn it oan Perzië grinzjende rivalisearrende ryk. De hieperioade yn de skiednis stried it gammele Ottomaanske ryk hieltyd op'e nij tsjin oanfallen fan it tsaristyske Ruslân, tsjin opstannen ûnder syn eigen ûnderdanen en tsjin in oanhâldend besykjen fan sa op it each sympatike Britske en Eastenrykske regearingen om bepaalde Turkse parten fan it ryk ôf te skieden en by har eigen ryk yn te liivjen. Dy ûnstabile politike tastân yn de Europeeske provinsjes fan Turkije leveren nije en driuwende arguminten om it fersyk fan de ambassadeur te stypjen om de bannelingen nei in fiere delsetting te stjoeren, dêr't Bahá'u'lláh fierder gjin kontakt hawwe soe mei Turkske of westerske rûnten dy't in soad ynfloed hienen.

Doe't de Turkske minister fan Bûtenlânske saken, Fu'ád Páshá, fan in besyk oan Adrianopel werom kaam, like it dat syn ferhearde berjochten oer de reputasje dy't Bahá'u'lláh wilens yn de hiele streek hie, de ynblazingen fan de Perzyske

ambassade oannimlik makken. Yn dy sfeer fan tinken naam de regearing abrupt it beslút om har gasten te ûnderwerpen oan folsleine opsluting. Sûnder warskôwing waard op in iere moarn it hûs fan Bahá'u'lláh troch soldaten besingele en krigen de bannelingen opdracht har ree te meitsjen om nei in ûnbekende bestimming ôf te reizgjen.

It plak dat foar dy lêste ferbanning keazen waard, wie de lugubere fêstingstêd Akká (Acre), oan'e kust fan it Hillige Lân. Akká, yn it hiele ryk berucht fanwege de bedoarne lucht en it hearskjen fan in grut tal sykten, wie in strafkoloanje dy't troch de Ottomaanske steat brûkt waard foar it opsluten fan gefaarlike misdiedigers, dy't nei ferwachting har finzenskip dêr net al te lang oerlibje soenen. Nei oankomst yn augustus 1868 soenen Bahá'u'lláh, de leden fan syn famylje en in groep fan syn folgelingen dy't mei Him ferband wie binnen de muorren fan de fêsting twa jier fan lijen en mishanneling ûndergean. Dêrnei waarden hja ûnder hûsarrest pleatst yn in hûs der net fier ôf, dat fan in pleatselike keapman wie. In hiel skoft waarden de bannelingen mijd troch de byleauwige pleatselike befolking, dy't yn iepenbiere preken warskôge wie foar de God fan de Perzen, dy't ôfskildere waard as in fijân fan de iepenbiere oarder en de fersprieder fan godlasterike en ymmorele ideeën. Ferskate leden fan de lytse keppel bannelingen stoaren troch it lijen en de oare ellinde dy't se meimakken.⁷⁶

Achternei besjoen liket it de bitenste irony dat de kar fan it Hillige Lân as it plak fan Bahá'u'lláhs twongen opsluting it resultaat wie fan de druk fan geastlike en wrâldske fijannen, waans doel it wie om Syn religieuze ynfloed te ferneatigjen. Palestina, dat troch grutte monoteistyske godstsjinsten eare wurdt as it punt dêr't de wrâlden fan God en de minsken by inoar komme, naam doe, lykas it al tûzen jierren dien hie, in plak yn yn de ferwachtings fan de minske. Mar in pear wiken foar de oankomst fan Bahá'u'lláh reizgen de liederen fan de Dútske protestantske Tempeliers út Europa ôf om oan de foet fan de berch Karmel in delsetting te stichtsjen ta ferwolkomming fan Kristus. Waans komst neffens har op hannen wie. Boppe de doarren fan ferskate hûzen dy't hja bouden, mei útsjoch oer de baai op Bahá'u'lláhs finzenis yn Akká, kin men noch altyd útbeittele opskriften sjen lykas: "Der Herr ist nahe" ("De Heer is nabij").⁷⁷

Yn Akká gyng Bahá'u'lláh troch mei it diktearjen fan in rige brieven oan ôfsûnderlike hearskers, dêr't Hy yn Adrianopel mei begûn wie. Yn ferskate stienen warskôgings foar Gods oardiel oer har achteleazens en wanbestjoer; de dramatyske ferfolling fan dy warskôgings brocht fûle algemiene diskusje yn it hiele Neie

Easten tewe. Minder as twa moanne nei de oankomst fan de bannelingen yn de finzenisstêd bygelyks waard Fu'ád Páshá de Ottomaanske minister fan Bûtenlânske Saken, troch waans ûnkrekte foarstellings de ferbanning noch ferhastige wie ynienen út syn amt ûntslin en stoar er yn Frankryk oan in hertoanfâl. Dat barren waard markearre troch in ferklearring dy't in tal dingen foarsei dy't mei gauwens barre soenen: It ûntslach fan syn kollega, de minister 'Alí Páshá, de fal en de dea fan de sultan en it ferlies fan de Turkske gebieten yn Europa. Dy rige katastrofen folge daalk opinoar.⁷⁸

Yn in brief oan keizer Napoleon III waard de warskôging jûn dat fanwegens syn ûnoprjochtens en syn machtsmisbrûk, "...jo keninkryk ûndergean sil en jo keizerryk jo út hannen nommen wurde sil as straf foar itjinge dat jo bedream hawwe... Hat jo preal jo grutsk makke? By myn libben! Hja sil net bliuwe..."⁷⁹ Minder as in jier nei dy ferklearring begûn de jammerdearlike Frânsk-Prusyske oarloch en de dêrút fuortkommende fal fan Napoleon III, dêr't Alistair Horne, in hjoeddeiske gelearde op it mêd fan politike skiednis fan Frankryk yn de 19e ieu, oer skriuwt:

"De skiednis kent nei alle gedachten gjin bjusterbaarliker foarbyld fan wat de Griken "peripateia" neamden, de skriklike fal fan grutskens hichten. Yn de moderne tiid is der wis gjin naasje, sa fol fan sichtbere grutskens en sa oerfloedich yn matereel sukses, dy't ea yn sa'n koarte tiid sa'n slimme fernedering trochmakke hat.⁸⁰

Mar in pear moanne foar de ûnferwachte rige foarfallen yn Europa, dy't laten ta de ynvaasje fan de pauselike steat en de anneksaasje fan Rome troch de legers fan it nije keninkryk Itaalje, trune Bahá'u'lláh yn in ferklearring der by de Paus Pius IX op oan: "Stean jo keninkryk ôf oan de keningen en kom foar't ljocht út jo ferbliuw, jo anflit rjochte nei it Keninkryk... Wês lykas jo Hear west hat... Wiswier, de dei fan it ynheljen fan de rispinge is kommen en goed en kwea binne fan inoar skaat. Hy hat yn de skealjen fan gerjochtichheid opslein itjinge dat Hy útkarde, en yn it fjoer smiten dat dêr goed foar wie..."⁸¹

Wilhelm I, kenig fan Prusen, waans leger sa'n oerweldigjende oerwinning yn de Fransk-Prusyske oarloch behelle hie, wie troch Bahá'u'lláh yn de Kitáb-i-Aqdas warskôge it foarbyld fan de fal fan Napoleon III en oare hearskers, dy't yn de oarloch triomfearre hienen foar eagen te hâlden en him net troch heechmoed der fan wjerhâlde te litten dizze Iepenbiering te erkennen. Dat Bahá'u'lláh oankommen

seach dat de Dútske keizer net harkje soe nei dy warskôging liet de driigiende passaazje sjen dy't letter yn itselde boek foarkomt:

"O iggen fan de Ryn! Wy hawwe jim sjoen, besmoarge mei bloed, om't it swurd fan ferjilding tsjin jim lutsen waard; en dat sil op'e nij barre. En wy hearre de jammerklacht fan Berlyn, hoewol't it hjoed yn folle gloarje pronket."⁸²

Twa fan de wichtichste ferklearringen, de iene rjochte oan keningin Victoria⁸³ en de oare oan de "Hearskers fan Amerika en de presidenten fan de republiken dêre" wurde tekene troch in opfallende oare toan. De earste priizget de baanbrekkende ôfskaffing fan de slavernij yn it hiele Britske ryk en rekommandearret it prinsipe fan regearjen troch in folksfertsjintwurdiging oan. De lêstneamde dy't begjint mei de oankundiging fan de Dei fan God, einiget mei in oprop, in feitlike folmacht, dy't yn gjin ien fan de oare boadskippen benei kommen wurdt: "Rjochtsje de mismoedigen op mei rjochtfeardige hân en ferbrizelje de machtige ûnderdrukker mei de roede fan de geboaden fan jo Hear, de Beskikker, de Alwize."⁸⁴

Godstsjinst as Ljocht en Tsjusterens

Bahá'u'lláhs strangste feroardieling is bestemd foar de barrières dy de organisearre godstsjinst de hiele skiednis troch tusken it minskdom en Gods Iepenbiering opsmiten hat. Der waarden wit hoe faak dogma's dy't ynjûn waarden troch algemiene byleauwe en hieltyd folsleiner makke troch ferkeard brûkte yntelliginsje, optwongen oan it godlik proses, dat altyd in geastlik en moreel doel hân hat. Wetten foar maatskippelike omgong, iepenbiere mei it doel om it mienskiplibben hechter te meitsjen, waarden brûkt as grûnslach foar stelsels fan geheimsinnige learstellingen en praktiken, dy't it gewoane folk ta lêst waarden, wylst it der krekt troch holpen wurde moatten hie. Sels it brûken fan it ferstân, it wichtichste ynstrumint dat de minske besit, is doelbewust belemmere, dat laat hat ta in úteinlike breuk yn de dialooch tusken leauwe en wittenskip, dêr't it sivilisearre libben fan ôfhinget.

It gefolch fan dat tryste feit is dat godstsjinst yn de hiele wrâld in minne namme kriegen hat. Slimmer noch, de organisearre godstsjinst is sels in tige bittere boarne fan haat en striid tusken de folken fan'e wrâld wurden. "Fanatike godstsjinstiver en haat", hat Bahá'u'lláh mear as in ieu ferlyn warskôge, "binne in wrâldferslinend fjoer dêr't nimmen it geweld fan dwêste kin. Allinne de Hân fan Godlike Macht kin it minskdom fan dy ferneatigjende ramp befrije."⁸⁵

Dejingen dy't God ferantwurdelyk stelle sil for dy trageedzje binne, seit Bahá'u'lláh, de godstsjinstlieders fan it minskdom, dy't troch de hiele skiednis hinne de frijheid nommen hawwe om út Syn namme te sprekken. Har besykjen om it Wurd fan God ta har privee-domein te meitsjen en de útlis der oer ta in middel foar persoanlike ferhearliking, hat de grutse behindering west dêr't de foarútgong fan de beskaving mei te kampen hân hat. By it neijeien fan har doelen hawwe in soad net wifele om de hân op te heevjen tjin de Boadskipper fan God, sadree't hja ferskynden:

"Yn elk tiidrek hawwe godstsjinstlieders har folk behindere om de iggen fan ivige ferlossing te berikken, om't hja de leien fan it gesach yn har machtige greep holden. Guon hawwe út begear nei liederskip, oaren troch tekoart oan kennis en

begryp, de oarsaak west fan de geastlike earmoede fan de minsken. Troch har sanksje en gesach hat elke Profet fan God dronken út de beker fan opoffering..."⁸⁶

Him rjochtsjend ta de geastlikheid fan alle godstsjinsten warskôget Bahá'u'lláh foar de ferantwurdelikheid dy't hja yn it ferline sa achteleas op har nommen hat:

"Jimme binne lykas in boarne. As de boarne feroare wurdt, sille de streamkes dy't úntspringe ek feroarje. Freezje God, en hear ta de godsfruchtigen. Krekt allyksa, as it hert fan de minske úntaardet, sille syn lidden ek úntaardzje. En, op deselde wize, as de woartel fan in beam rottet, sille syn túken en syn blêden en syn leaten en syn fruchten ek rotsje..."⁸⁷

Yn dyselde ferklearings, dy't iepenbiere binne yn in tiid dat de religieuze ortodoksy oeral op'e wrâld ien fan de wichtichste machten wie, waard útlein dat dy macht feitlik syn tiid hân hie en dat de geastlike kaste fierder gjin maatskiplike rol mear hat yn de wrâldskiednis: "O skare fan godgelearden! Fan no oan sille jimme jimsels net mear sjen as besitters fan wat foar macht dan ek..."⁸⁸ Tsjin in tige wraaksuchtige tsjinstanner ûnder de Moslim geastlikheid hat Bahá'u'lláh sein: "Jo binne as de lêste spoaren fan it sinneljocht op in berchtop. Mei gauwens sil it dizich wurde, lykas beskikt is troch God, de Albesitter, de Allerheechste. Jo gloarje en de gloarje fan jins gelikens is weinommen..."⁸⁹

Dy útlizzen binne net rjochte tsjin it organisearjen fan religieuze aktiviteit, mar tsjin it misbrûk fan sokke middels. Net allinne oer de grutte bydragen fan de organisearre godstsjinst binne de geskriften fan Bahá'u'lláh oerdiedich yn har wurdearring, hja binne dat ek oer de baten, dy't de wrâld krigen hat troch de selsopoffering en de neisteafde dy't geastliken en religieuze oarders fan alle geloven tekene hawwe:

"Dy godgelearden dy't werklik sierd binne mei it ornament fan kennis en in treflik aard besitte, binne, wiswier, as de holle op it lichem fan de wrâld en as de eagen foar de naasje..."⁹⁰

Alle minsken, leauwich of net, geastliken en leken wurde lykwols útdage om de konsekwinsjes yn te sjen dêr't de wrâld hjoeddedei mei besocht wurdt as gefolch fan folsleine ferwurding fan de religieuze ympuls. Trochdat de minske yn de

ôfrûne ieu hieltyd mear fan God ferfrjemde waard in relaasje ferbrutsen dy't de grûnslach foarmet fan it morele libben sels. De natuerlike fermogens fan de rasjonale siele, fan wêzentlyk belang foar de ûntjouwing en it hanthavenjen fan minslike wearden, binne algemien ûnderwurdearre rekke.

"Yn alle lamen stjerft de libbenskrêft fan it leauwe fan de minske yn God út. Allinne Syn hielsum genêsmiddel kin dy ea wer yn oarder meitsje. De trochkanterjende goddeleazens fret yn it essensjele fan de minslike mienskip. Kin eat oars as it Elikser fan Syn machtige Iepenbiëring har surverje en fermije? Allinne it Wurd fan God kin oanspraak meitsje op de ûnderskieding it fermogen te besitten om sa'n grutte en fiergeande feroaring ta stân te bringen."⁹¹

Wrâldfrede

Yn it ljocht fan de dingen dy't der op folgen wurde de warskôgings en oproppen fan Bahá'u'lláhs geskriften yn dy tiid ûntsachlik trochkringend:


"O jim keazen folksfertsjintwurdigers yn alle lannen!... Beskôgje de wrâld as it lichem fan de minske dat, alhoewol't geef en folslein wie by syn skepping, troch ferskillende oarsaken mei slimme sykten en kwalen besocht wurdt. Gjinn dei fûn it ferromming; krekt oarsom, syn sykte waard aloan slimmer, om't it ûnder behanneling fan ûnkundige dokters kaam dy't har eigen begearten de frije hân joegen...

Wy sjogge de wrâld yn dizze tiid oerlevere oan de genede fan hearskers dy't sa dronken binne fan grutskens, dat hja har eigen profyt net dúdlik sjen kinne, en dus safolste minder sa'n ferbjusterjende en útdaagjende Iepenbiering as dizze erkenne..."⁹²

"Dit is de Dei dat de ierde har tyngje ferkundigje sil. De bedriuwers fan ûngerjochtichheid binne har lêst, seagen jim dat mar..."⁹³

"Alle minsken binne skepen om in hieltyd fierder geande beskaving út te dragen. De Almachtige is Myn tsjûge: him te gedragen as de bisten yn it fjild is de minske ûnweardich. De deugden dy't by syn weardichheid passe binne: fedraachsumens, barmhertigens, moederaasje en neisteleafde foar alle folken en slachten op ierde..."⁹⁴

"Yn dit tiidrek wurdt in nij libben wekker yn alle folken op ierde; en dochs hat nimmen de oarsaak derfan ûntdutsen of de grûn derfoar waarnommen. Tink nei oer de folken fan it westen. Sjoch hoe't hja, by it neijeien fan wat nutteleas en ûnbelanryk is, wit hoefolle libbens offere hawwe om har doel te berikken, en dat noch dogge..."⁹⁵



"Yn alle dingen is evenredichheid winslik. As eat boppe mjitte trochfierd wurdt, sil it bliken dwaan in boarne fan kwea te wêzen... Frjemde en bjusterbaarlike dingen besteane der yn de ierde, mar dy binne ferburgen foar it ferstân en it begryp fan'e minsken. Dy dingen binne by steat om de hiele atmosfear fan de ierde te feroarjen en de besmetting dermei sil bliken dwaan deadlik te wêzen"⁹⁶

Bahá'u'lláh hat yn lettere geskriften ynklusief dyselden dy't rjochte binne oan it minskdom as gehiel, der op oantrune stappen te ûndernimmen nei wat Hy neamde de "Grutte Wrâldfrede". Dy stappen, sei Hy, soene it lijen ferlichtsje en de betizing ferminderje dy't Hy yn it foarútsjoch foar it minskdom lizzen seach, oant de folken op ierde Gods Iepenbiering omearmje en dêrtroch de Allergrutste Frede ta stân bringe:

"De tiid sil komme dat men algemien ynsjen sil dat it beslist needsaaklik is om in grutte en alle minsken omfiemjende gearkomste te hâlden. De keningen en hearskers op ierde moatte dy bywenje en troch diel te nimmen oan it berie, wegen en middels sykje dy't de grûn lizze foar de grutte Wrâldfrede ûnder de minsken. Sa'n frede fereasket dat de grutmachten, om wille fan de rêst ûnder de folken op ierde, beslute om ta folsleine oerienstimming te kommen. As in kening de wapens opnimt tsjin in oaren, moatte se allegearre ienriedich fanwegen komme en him tsjinkeare. As min dat docht, sille de folken op ierde allinne wapens nedich hawwe om de feilichheid te bewarjen en de binnenlânske oarder te hanthavenjen... De dei komt neier dat alle folken op ierde ien wrâldtaal en ien algemien skrift oanommen hawwe sille. As dat berikt is, sil immen, wêr't er ek hinne reizget, it gefoel hawwe dat er by himsels yn'e hûs giet... Hy is wier in minske dy't him hjoed de dei yn tsjinst stelt fan it hiele minskdom... Men moat jin der net op ferheffe syn beitelân leaf te hawwen, mar der in eare yn stelle de hiele wrâld leaf te hawwen. De ierde is mar ien lân, dêr't alle minsken boargers fan binne."⁹⁷

"Net út Myn Eigen Wil"

Yn Syn brief oan Násiri'd-Din Sháh, de hearsker fan Perzië, dêr't gjin inkel ferwyt yn stiet oer Syn finzenskip yn de Sýyáh-Chál en de oare ûnrjochtfeardichheden dy't Hy troch de hân fan de kening ûndergien hie, sprekt Bahá'u'lláh oer Syn eigen rol yn it godlik Plan:

"Ik wie ek mar in minske lykas oaren, sliepend op Myn legersteed, en sjoch, de asem fan de Algloarjerike striek oer My himme en learde My de kennisse fan alles wat west hat. Dy kennisse is net fan My, mar fan Ien dy't Almachtich en Alwittend is. Hy lei My op myn lúd tusken himel en ierde hearre te litten en dêrtroch barde oan My itjinge dat by elk begripend minske de triennen streame liet. De wittenskippen, gongber ûnder de minsken haw Ik net bestudearre, har skoallen haw Ik net besocht. Freegje it oan de stêd dêr't Ik yn wenne, sadat jim der goed fan oertsjûge binne, dat Ik net hear by harren dy't ûnwierheid sizze."⁹⁸

De opdracht dêr't Hy Syn hiele libben oan wijd hie, dy't Him it libben fan in dierbere jongere soan⁹⁹ koste hie, lykas al Syn materiele besittings, dy't Syn súnens ûnderwrotten hie en Him finzenskip, ferbanning en mishanneling brocht hie, wie net ien dy't Hysels begûn wie. "Net út Myn eigen Wil", sei Hy, wie Hy mei sa'n opdracht begûn:

"Tinke jim, o minsken, dat Ik de macht oer Gods beechste Wil en Doel yn hannen hâld? ...As ik sels de úteinlike bestimming fan Gods Leauwe yn hannen hân hie, dan soe Ik nea, al wie't mar ien amerij, tastien hawwe My oan jim te iepenbierjen, likemin soe Ik Mysels tastien hawwe My ien wurd oer de lippen komme te litten. Dêrfan is God Sels My, wier, ta tsjûge."¹⁰⁰

Om't Hy Him sûnder betingst oan Gods oprop oerjûn hie, bestie der foar Him ek gjin inkele twifel oer de rol dy't foar Him weilein wie yn de skiednis fan de minske. As Gods Manifestaasje foar it tiidrek fan ferfolging, is Hy dejinge dy't

"NET ÚT MYN EIGEN WIL"

foarsein is yn alle geskriften út it ferline, it "Langstme fan alle Folken," de "Kening fan Eare." Foar it Joadendom is Hy de "Heare fan'e HearsKaren", foar it Kristendom de Werkomst fan Kristus yn de Hearlikheid fan de Heit, foar de Islam de "Grutte Oankundiging", foar it Boeddhisme de "Boeddha Maitreya", foar it Hindoeïsme de nije ynkarnaasje fan Krishna, foar de Zoroastrieërs de komst fan "Sháh-Brahram".¹⁰¹

Lykas de Manifestaasjes fan God dy't foar Him wienen, is Hy likegoed de Stim fan God as it minsklik kanaal der fan: "Beskôje ik, O myn God, de ferhâlding dy't my oan Jo bynt, dan fiel ik in oantrún om oan al it skepene te ferkundigjen." **Wiswier Ik bin God!; en sjoch as Ik mysels beskôgje, sjoch ik dat ik grouwer bin as klaai!"**¹⁰²

Hy hat ferklearre:

"Under jimme binne guon dy't sein hawwe: 'Hy is it dy't der oanspraak op makket om God te wêzen.' By God! Dat is grouwe laster. Ik bin mar in tsjimmer fan God dy't yn Him en Syn tekens leaut... Myn tonge en Myn hert en Myn hiele wêzen tsjûgje dat der gjin God is bûten Him, dat alle oaren op Syn befel skepen binne, en foarme troch de wurking fan Syn Wil...Ik bin dejinge dy't de geunsten dêr't God My troch Syn rynskens mei befoarrjochte hat rûnom bekend makke. As dat Myn oertrêding wêze soe, dan bin Ik, wier, de earste fan alle oertrêders..."¹⁰³

Bahá'u'lláh makket yn Syn geskriften gebrûk fan in soad metafoaren by it besykjen om de paradoks dy't de grûnslach foarmet fan Gods Iepenbiering fan Syn Wil ta utering te bringen:

"Ik bin de keninklike Falk op de earm fan de Almachtige. Ik tear de delhingjende wjukken fan elke brutsen fûgel út en help him syn flecht te begjinnen."¹⁰⁴

"Dit is mar in blêd, yn beweging brocht troch de koelte fan de wil fan jim Hear, de Almachtige, de Alpriizge. Kin it stil bliuwe as der stoarmwinen waaie? Nee, by Him, Dy't de Hear is fan alle Nammen en Eigenskippen! Sy bewege it nei har goedfinen..."¹⁰⁵

It Ferbûn fan God mei it Minskdome

Yn juny 1877 kaam Bahá'u'lláh op't lêst frij út Syn strange opsluting un de finzenisstêd 'Akká en ferhuze Hy mei Syn famylje nei Mazra'ih, in lyts bûten in pear kilometer noardlik fan de stêd.¹⁰⁶ Sa't yn Bahá'u'lláhs ferklearring oan de Turkske regearing foarsein wie, wie sultan 'Abdu'l-'Azíz ta fal brocht. Hy wie fermoarde yn in paleis revolusje, en de wynpûsten fan politike feroaring dy't oer de wrâld raasden begûnen sels it mei lûken ôfsluten gebiet fan it Ottomaanske ryk yn te kringen. Nei in koart ferbliuw fan twa jier yn Mazra'ih ferhuze Bahá'u'lláh nei in grut hearehûs mei tunen der omhinne, dat Syn soan 'Abdu'l-Bahá foar Him en de leden fan Syn famylje hierd hie.¹⁰⁷ De lêste tolve jier fan Syn libben wienen wijd oan Syn geskriften oer in grut ferskaat fan geastlike en maatskiplike ûnderwerpen, en oan it ûntfangen fan in stream Bahá'í pilgrims dy't in tige muoisume reis út Perzië en oare kriten makke hienen.

Oeral yn it Neie Midden Easten begûn de kearn fan in mienskiplibben fêste foarm oan te nimmen ûnder harren dy't Syn boadskip oannommen hienen. Om har te lieden hie Bahá'u'lláh in stelsel fan wetten en ynstellingen iepenbiere dy't ornearre wienen foar praktyske útwurking fan de prinsipes dy't yn Syn geskriften beskreaun stienen.¹⁰⁸ It gesach berêste by rieden dy't demokratysk troch de hiele mienskip keazen wienen, der waarden foarsjennings troffen om de mooglikheid út te sluten dat der in elite fan geastliken ûntstie, en der waarden prinsipes foar konsultaasje en it nimmen fan groepsbesluten ynsteld.

De grûnslach foar dat systeem waard foarme troch wat Bahá'u'lláh in "nij Ferbûn" tusken God en de minske neamde. It dúdlikste teken fan it folwoeksen wurden fan it minskdom is dat alle minsken foar't earst yn de skiednis, bewust - hoe diznich ek - te meitsjen ha mei it besef dat it minskdom ien is en de ierde ien inkel heitelân. Dat bewustwurden iepenet de wei nei in nije ferhâlding tusken God en it minskdom. As de folken fan'e wrâld it geastlik gesach oanfurdigje dat ynherint ferbûn is mei de lieding fan Gods Iepenbiering foar dit tiidrek, sa spriek Bahá'u'lláh, dan sille hja yn harsels in morele krêftboarne ûntdekke dêr't fan bliken dien hat dat minsklike ynspanning allinne dy net ta stân bringe kin. As gefolch fan dy ferhâlding sil der "in nij minskeras"¹⁰⁹ te foarskyn komme en sil it bouwen oan

in wrâldbeskaving begjinne. It wie de opdracht fan de Bahá'í mienskip om oan te toanen dat dit Ferbûn effektief wurket by it genêzen fan de sykten dy't it minskdom ferdiele.

Bahá'u'lláh stoar op 29 maaie 1892 yn Bahjí, yn syn fiifensantichste libbensjier. Doe't Hy stoar stie de saak dy't Him fjirtich jier earder yn it tsjuster fan de Swarte Put yn Teheran tabetrout wie, ree om los te brekken út de Islamityske lannen dêr't er stal krigen hie, en him earst yn hiel Amearika en Europa en dêrnei oer de hiele wrâld te fêstigjen. Dêrmei waard dy saak sels in bewiis fan de belofte dy't it nije Ferbûn tusken God en de minsken ynhâlde. Want as iennichste fan alle ûnselstannige religy's yn'e wrâld soenen it Bahá'í Leauwe en syn mienskip fan leauwigen mei sukses de kritike earste ieu fan har bestean trochkomme mei har ienheid stevich yntakt, net skeind troch de ieuwenâlde flok fan skuorring en sektarisme. Har ûnderfining biedt in ûnwjersteanber bewiis fan Bahá'u'lláhs fersekering dat it minskdom yn al syn ferskaat, leare kin te libjen en te wurkjen as ien folk, yn ien mienskiplike wrâldomfiemjend heitelân.

Krekt twa jier foar Syn dea ûntfong Bahá'u'lláh yn Bahjí ien fan it lyts tal westerlingen dy't Him besykje soenen en de iennichste dy't in skreaun ferslach fan syn erfaring neilitten hat. Syn besiker wie Edward Granville Browne, in opkommende jonge oriëntalist fan de Universiteit fan Cambridge, waans omtinken yn't earstoan lutsen wie troch de dramatyske skiednis fan de Báb en Syn manmoedige groep folgelingen. Oer syn moeting mei Bahá'u'lláh skreau Browne:

"Hoewol't ik in dizzenich idee hie wêr't ik hinne gie en wa't ik moetsje soe (sy hienen my gjin neiere oantsjittings jûn), ferrûnen der ien of twa sekonden ear't ik my der hommels mei in gefoel fan ferbjustering en ûntsach fan bewust waard, dat ik net allinne wie yn'e keamer. Yn'e hoeke, dêr't de divan tsjin de muorre oansleat, siet in wûnderbaarlike en earbiedwurdige figuer... It antlit fan Him op Wa't myn each foel sil ik nea ferjitte, hoewol't ik it net beskriuwe kin. De eagen dy't jin trochkringend oanseagen, liken djip yn jins siele te lêzen; macht en autoriteit sprieken út dy hege foarholle... It is net nedich om te freegjen yn Waans tsjinwurdichheid ik wie, wylst ik djip bûgde foar Him, dy't it foarwerp is fan in tawijing en leafde dy't keningen Him benije soenen en dêr't keizers om'e nocht nei langje! In sêft weardich lûd frege my sitten te gean en gie fierder: "Priizge sij God, dat jo kommen binne!... Jo binne hjir kommen om in finzene en in banneling te besykjen... Wy winskje allinne it wolwêzen fan'e wrâld en it lok fan'e folken,

dochs hâldt men Us foar in ûnrêststoker en oproerkraaier, dy't it fertsjinne om knevele en ferband te wurden... Dat alle folken ien wurde yn learwe en alle minsken as bruorren, dat de bannen fan leafde en ienheid ûnder de minsken ferstevige wurde, dat ferskaat fan godstsjinst ophâldt te bestean, alle ûnienichheid tusken de rassen teneate dien wurdt: wat foar kwea skûlet dêryn?... Dochs sil dat ienris barre; dit fergees striden, dizze ferneatigjende oarloggen sille foarbygean en de "Allergrutste Frede sil komme..."¹⁰

Noaten

1. Bahá'u'lláh (betsjutting: Hearlikheid fan God) waard berne as Husayn-'Alí. It foarrinnende wurk oer it boadskip fan de Báb en Bahá'u'lláh is it boek "God schrijdt Voorbij" fan Shoghi Effendi. Sjoch foar in biografyske stúdzje it boek: "Bahá'u'lláh, the King of Glory" van Hasan Balyuzi. De skriften fan Bahá'u'lláh wurde wiidweidich behannele yn it fjouwerdie-lige boek "The Revelation of Bahá'u'lláh" fan Adib Taherzadeh.
2. It "Brittanica Yearbook" fan 1988 fernijt dat, hoewol't de Bahá'í mienskip mar út sawat fiif miljoen leden bestiet, it Bahá'í leauwe al de meast fersprate religy nei it Kristendom op ierde wurden is. Der binne hjoeddedei nasjonale Bahá'í Rieden yn 155 ûnôfhinklike lannen en streken fan'e wrâld en mear as 17.000 keazen rieden op pleatslik nivo. Der wurdt rûsd dat der 2.100 nasjonaliteiten en stammen fertsjintwurdige binne.(stân fan saken 1991)
3. Arnold Toynbee: "A Study of History", deel VIII, bls. 117.
4. De Báb (betsjutting: "Poort of Doar") waard op 20 oktober 1819 berne yn Shíráz ûnder de namme fan Siyyid 'Alí-Muhammad.
5. Yn passaazjes yn de skriften fan de Báb dêr't yn ferwiisd wurdt nei it kommen fan "Him dy't God iepenbierje sil" steane kryptyske ferwizingen nei "it jier Njoggen" en it jier "Njoggentjin" (d.w.s. om 1852 en 1863 hinne, rekkene yn moannejierren fanôf 1844, it jier dêr 't de Báb syn sinding yn begûn). Bij ferskate gelegenheden die de Báb in tal fan syn folgelingen te witten dat hja sels "Him Dy't God iepenbierje sil" erkenne en tsjinje soenen.
6. It Boadskip fan de Báb waard ferkundige troch entûsjaste groepen folgelingen, meast jonge teology studinten, yn moskeeën en op iepenbiere gelegenheden. De Moslim geastlikheid reagearre troch de minsken oan te trunen ta iepenlik geweld. Spitigernôch foel dit barren gear mei in politike krisis, dy't ûntstien wie troch it ferstjerren fan Muhammad Sháh en de striid oer de opfolging. De liederen fan de bern-kening Násiri'd-Dín Sháh setten doe it keninklike leger yn tsjin de entûsjaste Báb'f's. Dy lêsten, dy 't grutbrocht wienen yn in Moslim mienskip en leauden dat hja it morele rjocht hienen om har te ferdigenjen, sleaten harsels op yn ymprovisearre skûlplakken en wjerstienen langduorjende, bluodrige belegeringen. Doe't hja op 't lêst oerwûn en ôfmakke wienen, en de Báb eksekutearre wie, hâlden twa jonge Báb'f's, dy 't net goed mei de holle wienen, de Shah oan op de iepenbiere wei en skeaten - healwiis genôch om him te fermoardzjen - mei hagel op him. Dat ynsident waard brûkt as ekskús foar de slimste moardpartijen ûnder de Báb'f's wat protest oprôp by de westerske ambassades. Sjoch foar in ferslach fan dy perioade it boek: The Bahá'í Faith, Emerging Global Religion", side 6 o/m 32, fan W. Hatcher en D. Martin.
7. Sjoch foar in ferslach fan dat barren it boek: "God Schrijdt Voorbij", de haadstikken I o/m V. De belangstelling foar de Bábí beweging wie yn it Westen geande makke troch de publikaasje yn 1865 fan it wurk fan Joseph Arthur Comte de Gobineau: "Les Religions en les Philosophies dans l'Asie Centrale".
8. "Epistle to the Son of the Wolf" fan Bahá'u'lláh, side 20 en 21. Oanhelle yn it boek: Bahá'u'lláh en het Nieuwe Tijdperk fan J.E. Esslemont, side 36 en 37.

9. In tal westerske diplomaten en militaire waarnimmers hat omstannersferslaggen neilitten, dy't jin kâld oer de lea geane. Der waarden ferskate offisjele protesten yntsjinne by de Perzyske autoriteiten, Sjoch "De Bábí and Bahá'í Religions, 1844-1944" fan Moojan Momen.
10. "Epistle to the Son of the Wolf", side 21. (Oanhelle yn "God Schrijdt Voorbij", side 106)
11. idem, side 22 (Oanhelle yn: "God Schrijdt Voorbij", side 106)
12. Der hearske yn Perzië in begryplik erchtinken oangeande de bedoelings fan de Britske en Russyske regearings, dy't harren beide lang mei Perzyske oangelegenheden bemuid hienen.
13. It mulpunt fan dy swierrichheden foarme in sekere Múrzá Yahyá, in jongere healbroer fan Bahá'u'lláh. Doe't er noch hiel jong wie, en hoede waard troch Bahá'u'lláh, wie hy troch de Báb formeel oansteld as lieder fan de Bábí mienskip, yn ôfwachting fan "Him, dy't God iepenbierje sil", waans komst op hannen wie, Yahyá, dy't ûnder ynfloed rekke fan in eardere Moslim teolooch, Siyyid Muhammad Isfahání, rekke lykwols stadichoon ferfrjemde fan syn broer. Yn pleats fan dat er dy wrok iepenlik utere, makke er yn't geheim reboelje, dat in jammerdearlik effekt hie op it moreel fan'e bannelingen, dat dochs al leech wie. Yahyá wegere by einsluten om Bahá'u'lláhs ferkundiging oan te nimmen, en spile gjin rol yn de úntjouwing fan it Bahá'í Leauwe, dêrt dy ferkundiging it begjin fan wie.
14. "Het Boek van Zekerheid", side 139.
15. "Verborgene Woorden", Arabysk diel: respektivelik nr. 2 op side 17-18, nr. 5 op side 18, nr. 35 op side 25, en nr. 2 op side 6.
16. "Het Boek van Zekerheid", side 9 en side 110-112.
17. Oanhelle yn "God Schrijdt Voorbij", side 143-144.
18. Sitaaft fan prins Zaynu'l- Abidín Khán yn it boek "God Schrijdt Voorbij", side 141.
19. Sjoch noat 68.
20. "God Schrijdt Voorbij", side 160. Nei 1863 waard it wurd "Bábí" hielyd faker ferfongen troch "Bahá'í" as oantsjutting foar it nije leauwe dêr 't it feit mei oanjûn waard dat der in alhiel nije religy ûntstien wie.
21. Oanhelle yn "The Advent of Divine Justice" fan Shoghi Effendi, side 77.
22. "Bloemlezing uit de Geschriften van Bahá'u'lláh", side 11.
23. idem, side 176.
24. idem, side 196.
25. idem, side 10.
26. idem, side 10.
27. De twa oanhelle ferklearings binne respektivelik sitearre troch 'Abdu'l-Bahá yn "Bahá'u'lláh en het Nieuwe Tijdperk", side 170 en yn "Tablets of Bahá'u'lláh Revealed after the Kitáb-i-Aqdas", side 22-23.
28. Yn "God Schrijdt Voorbij", side 133-164 stiet in ferslach fan dit barren.
29. "Bloemlezing uit de Geschriften van Bahá'u'lláh", side 8.
30. "Het Boek van Zekerheid", side 59.
31. idem, side 60.
32. idem, side 60.
33. idem, side 62.
34. "Bloemlezing uit de Geschriften van Bahá'u'lláh", side 40.
35. idem, side 44-45.

NOATEN

36. idem, side 44.
37. Oanhelle yn "The Advent of Divine Justice", side 79.
38. "Bloemlezing uit de Geschriften van Bahá'u'lláh", side 85.39.idem, side 52-53.
40. idem, side 100.
41. idem, side 193.
42. Sjoch foar in detaillearre útlis oer dit ûnderwerp it boek "Beantwoorde Vragen" fan Abdu'l-Bahá, side 125-153.
43. Foarbylden, yn de wurden fan Jezus, binne: " Wat freegie jimme my nei it goede? Ien is de Goede." (Mattheüs 19:17) en "Ik en de Heit binne ien." (Johannes 10:13).
44. "Bloemlezing uit de Geschriften van Bahá'u'lláh", (side 107-108).
45. idem, side 35-38.
46. idem, side 38-39.
47. "Nije Testamint", Jehannis 1:10.
48. "Bloemlezing uit de Geschriften van Bahá'u'lláh", (side 88).
49. Shoghi Effendi: "Beschikking van Bahá'u'lláh", side 26.
50. "Bloemlezing uit de Geschriften van Bahá'u'lláh", bls. 49. Yn de Bahá'í geschriften wurdt de term "Adam" symboalysk op twa ferskillende manieren brûkt. Mei de iene wurdt it begjin fan it minskeras oantsjut, wylst de oare de earste Manifestaasje fan God oanjout.
51. "Bloemlezing uit de Geschriften van Bahá'u'lláh", side 128.
52. idem, bls 93.
53. Sjoch it boek fan Bahá'u'lláh " De Zeven Valleien", bls 27: "Wis, hoewol't de wizen it skandlik fine sille om de hear fan de Hearen yn it stof te sykjen, dochts tsjut dat op yntinse iver.
54. "Beschikking van Bahá'u'lláh", side 25.
55. "De Zeven Valleien", side 22.
56. "Bloemlezing uit de Geschriften van Bahá'u'lláh", side 128.
57. idem, bls 170.
58. idem, bls 8.
59. "Nije Testamint", Jehannes 10:16.
60. Yn it boek "The World Order of Bahá'u'lláh: Selected Letters" fan Shoghi Effendi wurdt op bls 162-163 en 202 djipper yngien op Bahá'u'lláhs learingen oer de folwoeksen wurden fan it minskdom.
61. "Bloemlezing uit de Geschriften van Bahá'u'lláh", side 130.
62. "Tablets of Bahá'u'lláh", bls 164.
63. "Bloemlezing uit de Geschriften van Bahá'u'lláh", side 61.
64. "Tablets of Bahá'u'lláh", bls 164.
65. "Bloemlezing uit de Geschriften van Bahá'u'lláh", side 9.
66. "Tablets of Bahá'u'lláh", side 66-67.
67. "Vrouwen: een compilatie uit de Bahá'í Geschriften", side 34.
68. Troch in gearrin fan ûngewoane omstannichheden wie it sintrale gesach yn Konstantinopel tige sympatyk foar Bahá'u'lláh oer kommen te stean, en wjerstie it de druk dy't troch de Persyske regearing útoefene waard. De gûverneur fan Bagdad, Namíq Páshá, hie optein nei de haadstêd skreaun oer sawol it aard en de ynfloed fan de Perzyske banneling. Sultan

- Abdu'l-'Azíz fûn dy ferslaggen nijsgjirrich, om't er himsels hoewol't er in sûntysk-Islamityske kalyf wie, as in mystyk siker beskôge. Like wichtich, op in oare manier, wie de reaksje fan syn earste minister, 'Alí Páshá. Op dy lêste, dy't goed ûnderlein wie yn de Perzyske taal en skriftekennisse en dy't graach de Turkse regearing herfoarmje woe, hie Bahá'u'lláh in tige sympatike yndruk makke. It wie sûnder mis dy kombinaasje fan sympaty en ynteresse dy't de Ottomaanske regearing der ta brocht Bahá'u'lláh nei de haadstêd út te noegjen ynstee fan Him nei in efterôflizzend plak te stjoeren of Him oan de Perzyske autoriteiten oer te leverjen, dêr't dy lêsten op oantrunen.
69. Sjoch foar de folsleine tekst fan it ferslach fan de Eastenrykse ambassadeur, Graf von Prokesch-Osten, yn in brief oan de Comte de Gobineau fan 10 jannewaris 1886: "The Bábi and Bahá'í Religions", side 186-187.
 70. "The Revelation of Bahá'u'lláh", diel 2, side 399.
 71. "Tablet of Bahá'u'lláh", side 13.
 72. "Bloemlezing uit de Geschriften van Bahá'u'lláh", side 126-127
 73. idem, side 149.
 74. idem, side 149.
 75. Sjoch foar in beskriuwing fan dizze dingen it boek: "The Revelation of Bahá'u'lláh", diel 3, benammen de siden 296 en 331.
 76. Sjoch foar in beskriuwing fan dat barren "God Schrijdt Voorbij", side 188-197.
 77. Yn de fyftiger jierren fan de njoggentjinde ieu wurken twa Dútske godstsjinstlieders Christoph Hoffman en Georg David Hardegg, tegearre oan de ûntwikkeling fan it "Genootschap van Tempeliers", dat him dwaande hâlde mei it stichtsjen fan ien of mear delsettingen yn it Hillige Lân om de wei frij te meitsjen foar de werkomst fan Kristus. De oprjochtingsgroep reizge út Dútslân ôf op 6 augustus 1868 en kaam yn Haifa oan op 30 oktober 1868, twa moannen nei't Bahá'u'lláh sels oankommen wie.
 78. Sjoch foar de beskriuwing fan de rampen dy't it Europeeske part fan Turkije oerkamen yn de Russysk-Turkse oarloch fan 1877-1878 it boek: "Bahá'u'lláh, the King of Glory", addendum III, side 460-462.
 79. "Epistle to the Son of the Wolf", side 51 (Oanhelle yn "Bahá'u'lláh en het Nieuwe Tijdperk", side 233)
 80. Alistair Home: "The Fall of Paris", side 34.
 81. Oanhelle yn "The Promised Day is come" fan Shogi Effendi, side 32-33.
 82. Oanhelle yn "The Promised Day is Come" side 37.
 83. Oanhelle yn "The Promised Day is Come" side 35.
 84. Oanhelle yn "Citadel of Faith" fan Shogi Effendi, side 18-19.
 85. "Epistle to the Son of the Wolf", side 14. (Oanhelle yn de "Bloemlezing uit de Geschriften van Bahá'u'lláh", side 171)
 86. "Het Boek van Zekerheid", side 15.
 87. Oanhelle yn "The Promised Day is Come", side 83.
 88. Oanhelle yn "The Promised Day is Come", side 81.
 89. "Epistle to the Son of the Wolf", side 99.
 90. Oanhelle yn "The Promised Day is Come", side 110-111.
 91. "Bloemlezing uit de Geschriften van Bahá'u'lláh", side 121.

NOATEN

92. idem, side 150-151.
93. idem, side 28.
94. idem, side 129.
95. idem, side 118.
96. "Tablets of Bahá'u'lláh", side 69.
97. "Tablets of Bahá'u'lláh", side 165-167. (Oanhelle yn de "Bloemlezing uit de Geschriften van Bahá'u'lláh", side 147-148.
98. "Epistle to the Son of the Wolf", side 11. De sin "Niet uit Mijn eigen wil" stiet yn deselde alinea fuort boppe de oanhelle passazje.
99. De soan fan Bahá'u'lláh, Mirza Mihdí, in jongbaas fan 22 jier stoar as gefolch fan in fal. Dit ûngelok wie te witen oan de omstannichheden, dê't de famylje ûnder gefangen siet.
100. "Bloemlezing uit de Geschriften van Bahá'u'lláh", side 58.
101. "God Schrijdt Voorbij", side 98.
102. "The World Order of Bahá'u'lláh", side 113 (Oanhelle yn "Beschikking van Bahá'u'lláh, side 21)
103. "Bloemlezing uit de Geschriften van Bahá'u'lláh", side 136.
104. "Tablets of Bahá'u'lláh", side 169.
105. "Epistle to the Son of the Wolf", side 11-12.
106. Hoewol't it befel ta ferbanning fan sultan 'Abdu'l-'Azíz nea offisjeel ynlutsen waard, begûnen de ferantwurlike politike ynstânsjes dy as net mear jildich te beskôgjen. Hja dienen te witten dat Bahá'u'lláh, as Hy dat winskje soe, Him bûten de muorren fan de stêd nei wenjen sette mocht.
107. It bûten, dat troch in rike Kristlike Arabyske keapman út Akka boud wie, wie troch him ferlitten doe't de pest útbrusten wie. It bûten waard earst hierd, en in pear jier nei it ferstjerren fan Bahá'u'lláh oankocht troch de Bahá'í mienskip. Bahá'u'lláhs grêf is yn in Tombe yn de tunen fan Bahjí en is no de wichtichste pilgrimsoarde foar de Bahá'í wrâld.
108. Sjoch foar in gearfetting fan dit stelsel fan learingen "The World Order of Bahá'u'lláh", side 143-157, en it boek "Principles of Bahá'í Administration" fan Shoghi Effendi yn syn gehiel. In folsleine annotearre Ingelske oersetting fan it wichtichste dokumint fan dy groep geschriften, de Kitáb-i-Aqdas ("It Allerhillichste Boek") is útbrocht tagelyk mei de hûndertjierrige betinking fan it ferstjerren fan Bahá'u'lláh yn 1992.
109. "The Advent of Divine Justice", side 16.
110. Edward G. Browne yn: "A Traveller's Narrative, side XXXIX-XXXXL (39-41).

Literatueroepjêfte

'ABDU'L-BAHA. *Beantwoorde Vragen*, Stichting Bahá'í Literatuur, Den Haag, 1982.

BAHA'ULLAH. *Bloemlezing uit de Geschriften van Bahá'u'lláh*. Stichting Bahá'í Literatuur, Den Haag, 1979.

BAHA'ULLAH. *Het Boek van Zekerheid*, Stichting Bahá'í Literatuur, Den Haag, 1976.

BAHA'ULLAH. *Verborgene Woorden*, Stichting Bahá'í Literatuur, Den Haag, 1976.

BAHA'ULLAH. *De Zeven Valleien*, Mirananda Uitgevers, Den Haag, 1976.

BAHA'ULLAH. *Epistle to the Son of the Wolf*, Bahá'í Publishing Trust, Wilmette, 1962.

BAHA'ULLAH. *Tablets of Bahá'u'lláh Revealed after the Kitáb-i-Aqdas*, Bahá'í World Centre, Haifa, 1982.

BALYUZI, HASAN. *Bahá'u'lláh, the King of Glory*, George Ronald, Oxford, 1980.

BROWNE, EDWARD G. *A Traveller's Narrative*, Bahá'í Publishing Committee, New York, 1930.

ESSLEMONT, J.E. *Bahá'u'lláh en het Nieuwe Tijdperk*, Stichting Bahá'í Literatuur, Den Haag, 1978.

GOBINEAU, JOSEPH ARTHUR COMTE DE. *Les Religions en les Philosophies dans l'Asie Centrale*, Didier, Parijs, 1865.

HATCHER, W. en MARTIN, D. *The Bahá'í Faith, the Emerging Global Religion*, Harper and Row, San Francisco, 1985.

HORNE, ALISTAIR. *The Fall of Paris*, Macmillan, Londen, 1965.

Literatueroepjêfte

- 'ABDUL-BAHA. *Beantwoorde Vragen*, Stichting Bahá'í Literatuur, Den Haag, 1982.
- BAHA'ULLAH. *Bloemlezing uit de Geschriften van Bahá'u'lláh*. Stichting Bahá'í Literatuur, Den Haag, 1979.
- BAHA'ULLAH. *Het Boek van Zekerheid*, Stichting Bahá'í Literatuur, Den Haag, 1976.
- BAHA'ULLAH. *Verborgene Woorden*, Stichting Bahá'í Literatuur, Den Haag, 1976.
- BAHA'ULLAH. *De Zeven Valleien*, Mirananda Uitgevers, Den Haag, 1976.
- BAHA'ULLAH. *Epistle to the Son of the Wolf*, Bahá'í Publishing Trust, Wilmette, 1962.
- BAHA'ULLAH. *Tablets of Bahá'u'lláh Revealed after the Kitáb-i-Aqdas*, Bahá'í World Centre, Haifa, 1982.
- BALYUZI, HASAN. *Bahá'u'lláh, the King of Glory*, George Ronald, Oxford, 1980.
- BROWNE, EDWARD G. *A Traveller's Narrative*, Bahá'í Publishing Committee, New York, 1930.
- ESSLEMONT, J.E. *Bahá'u'lláh en het Nieuwe Tijdperk*, Stichting Bahá'í Literatuur, Den Haag, 1978.
- GOBINEAU, JOSEPH ARTHUR COMTE DE. *Les Religions en les Philosophies dans l'Asie Centrale*, Didier, Parijs, 1865.
- HATCHER, W. en MARTIN, D. *The Bahá'í Faith, the Emerging Global Religion*, Harper and Row, San Francisco, 1985.
- HORNE, ALISTAIR. *The Fall of Paris*, Macmillan, Londen, 1965.

LITERATUEROPJEFTE

MOMEN, MOOJAN. *The Bábí and Bahá'í Religions, 1844-1944*, George Ronald, Oxford, 1981.

SHOGHI EFFENDI. *Beschikking van Bahá'u'lláh*, Nationale Geestelijke Raad van de Bahá'ís van Nederland, Den Haag, 1981.

SHOGHI EFFENDI. *God Schrijdt Voorbij*, Stichting Bahá'í Literatuur, Den Haag, 1983.

SHOGHI EFFENDI. *The Advent of Divine Justice*, Bahá'í Publishing Trust, Wilmette, 1984.

SHOGHI EFFENDI. *Citadel of Faith: Messages to America 1947-1957*, Bahá'í Publishing Trust, Wilmette, 1980.

SHOGHI EFFENDI. *Principles of Bahá'í Administration*, Bahá'í Publishing Trust, Londen, 1973.

SHOGHI EFFENDI. *The Promised Day is Come*, Bahá'í Publishing Trust, Wilmette, 1980.

SHOGHI EFFENDI. *The World Order of Bahá'u'lláh*, Bahá'í Publishing Trust, Wilmette, 1982.

TAHERZADEH, ADIB. *The Revelation of Bahá'u'lláh*, deel 1 t/m 4, George Ronald, 1974, 1977, 1983 en 1987.

TOYNBEE, ARNOLD. *A Study of History*, deel VIII, Oxford, Londen, 1954.

UNIVERSELE HUIS VAN GERECHTIGHEID. *Vrouwen: een Compilatie uit de Bahá'í Geschriften*, Nationale Geestelijke Raad van de Bahá'ís van Nederland, Den Haag, 1989.

Noat by de Fryske Oersetting

De skiednis fan Bahá'u'lláh yn de foarige ieu spilet him ôf yn it Perzyske en it doetiidske Ottomaanske ryk. De talen, dy't yn dy gebieten brûkt waarden, binne Perzysk (Farsi), Arabysk en Turksk. Hoewol't dy talen elk in ferskillende boarne hawwe, betsjinnen se harren yn dy tiid alle trije fan it Arabyske skrift. Under it bewâld fan Atatürk (1881-1938), de stichter fan de hjoeddeiske republyk Turkije, is de werjefte fan it Turksk feroare nei it Latynske skrift.

De behoefte oan in systeem fan transliteraasje dy't dy feroaring mei him mei brocht, komt ek foar't ljocht yn ús skrift by it werjaan fan Perzyske en Arabyske nammen. Op it Kongres fan foaroansteande oriëntalisten dat yn 1894 yn Genève hâlden waard, is in systeem fan transliteraasje (of transkripsje) ûntwurpen en ôfsprutsen, dat elke klank werjout yn it Latynske skrift. Hjirby komme letteroantsjuttingen foar dy't, sûnder mis yn it Frysk, net gebrûklik binne. Bygelyks: d (útspraak "z"), kh (útspraak "ch"), ú (útspraak "oe"), u (útspraak "oh"), í (útspraak "y") en i (útspraak "eh").

Sa'n systeem hat syn foar, dat in yn ús skrift skreaun Perzysk of Arabysk wurd, ientsjuttend wer te plak setten wurde kin nei it Arabyske skrift.

Ek yn dit boek is keazen foar it boppeneamde systeem fan transliteraasje. Dit jildt foar alle foarkommende nammen yn de haadtekst en de noaten. In útsûndering is lykwols makke foar de nammen dy't yn it Frysk al gongber binne.

Dit binne de folgjende nammen:

Baghdad (i.s.f. Baghdád)

Koran (i.s.f. Qur'án)

Mohammed (i.s.f. Muhammad)

Teheran (i.s.f. Tihrán)

Lykwols, dêr't de namme Mohammed diel útmakket fan in (langere) persoansnamme, is keazen foar de eksaktere foarm.